

2 De ûntjouwing fan de taalsitewaasje yn Ljouwert oant 1900

2.0 Foarôf

Kennis oer de ûntjouwing fan de taalsitewaasje yn Ljouwert oant sa'n 1900 kin inkeld opdien wurde út wat der yn earder tiden oer it Leewarders, it Nederlânsk en it Frysk yn Ljouwert skreaun is. Ek is it Leewarders amper skriftlik oerlevere. Mei de summiere boarnen dy't der binne, wurdt - nei in koarte taalkundige karakterisearring fan it Ljouwerter stedsdialekt - besocht in útwindige skiednis fan it Leewarders te skriuwen. Yn de diskusje mei oaren dy't earder oer it ûntstean fan de stedtaal yn Ljouwert skreaun hawwe, kriget de sechtjinde ieu rom omtinken.

2.1 In taalkundige karakterisearring fan it Leewarders op grûn fan in achttjinde-ieuske tekst

2.1.1 *In tekstfragmint út Het vermaak der slagterij*

Foar de taalkundige karakterisearring fan it Leewarders haw ik in tal typearjende farianten keazen út it neikommende fragmint fan *Het vermaak der slagterij* (1768) fan Jeltema, dat as âldste boarne sjoen wurdt dêr't it Leewarders yn oerlevere is.¹ Dy farianten slute oan op oanhelle foarbylden út de lettere literatuer.²

In tekstfragmint út *Het vermaak der slagterij*³:

't *Zelje* al raar voor komme, as ik jou deeg bij deeg zeg, dat wij allen vandiel goed Koeijevleis, ende de helte vannen Barg binnene balke hefwe, (om datje *weete*, dat it met ons kostwinning wat krapper omkomt as met *jimmes*); en daarom *zel* ik de eere hefwe, om jou ris *kut* en krekt te vertellen, hoe ikker *ankoomen* bin. Verleden jaar (*mut* ikje ee.st in 't verbijgaan zegge) spandet al vrij wat, en ik *dogte* al vaak by me zels: Hoe duvekater *zelt* nou lukke! want it begon zoo laat inne tiet te wudden, dat de meeste luden it slagten al *deen* hadden. Mar bij geluk gong ik de Zaterdag-avens (doe it de *Zundags* dar an Sinteneklaas waar) na de Linkervleugel [noat fan Jeltema: Dus noemt het gemeene volk alle de Herbergen, zonder onderscheid welke.] ommen mingelen bier te drinken, en doe ik daar *van deen* kam, raakte ik anne praat met drie

¹Burger naam dizze tekst as earste op yn syn blomlêzing *Avondrood* oer it Stedsk fan Ljouwert (1944a: 21-30).

²Sjoch bijgelyks Eekhoff syn persoanlike oantekeningen fan 1825 en letter - yn noat 101 oanhelle - en Hof, *Stedsk*, 1956: 48-63.

³Jeltema 1768: (5-7) [ek yn *Estrikken* XXII 1961: 74-75].

kammeraaten, di met mij di zelde avens jast hadden, ootjis an, in 't gelach. Nou, om't mar wat gauw of te maaken, disse knapen hadden ook nog niet slag, en dat wachte mar *allienig*, dat ze en vierde man zogten, dise an my *vonnen*. Zij hadden al en *dag mennig* en mooi deege Koe in 't oog had, en waaren al half en half akkedee.d, en nouse my sprooken hadden, lietenze it aanstons de Maandags fut gaan: mar it slimste waar, dat ze oppen Jeude Slagter gezet waren, dar ik niet *jank* zin an hadde, om dat ik bij ons *Heitenhoris* zo niet wend waar; en *liekwel* muste ikker hoor met betien laate, om dat zij de duiten schooten, di ik bij treminen naderhand betale *zude*. Trouwens, 't vleis waar goed, en smaakte ons in di lange winter heel wel; en om dat wijer en mooiye bult van inne *schustien* hongen, hefwe wijer veer inne *Zeumer*, ten minsten inne Kruisbei-tiet nog al lekkertjis van eeten; om Wuddemermerke heene haddertjis wij it leste stik oppe schuttel, en it leste tremien had ik betaalt om Sint-japik.

Van di tied of *speulden* mien gedagten, hoe ik *teugen* de ankommende Winter weer wat pervijsje bekomme *zude*; ik *dogte*, it *mut* dog alweer oppen slingerslag an.

Nou *zeld* je eerst vertelle van ons Barg; dar had ik it raarste geval met vanne weereld. 't is nou en week of drie leden, dat ik bij en goe kennis waar, die mij vertelde, dat hij metten Boer te doen hadde, di hem wellen Spalling verkoope *wude*; en dar hef ik wel zin an, zei hij zo *teugen* mij, mar ik hef annen halve genoeg, en vroeg mij: *Wu stou* de andre *helte* hefwe? Ik zei terstont van jaa; mar ... 't geld ... Das *gien* zwaarigheid, zeide hij, ik *zeld* wel uitschiete, en ik hef ook wel ris en klein *karweike* an mien huis, dan *zelle* wij dat met-en-ander wel fine. Ik gaf hem dan mien wood, en liet de koopenschap op him ankomme. Hij akkedee.de mette Boer voor 28 gulden, met *bedingst* dat de Barg over de 75 *pon* ziden hefwe *zude*, en as hij 80 *pon*, of dar over, haale kon, dan *zu* de Boer 30 gulden hefwe, mar goed Spek, of *gien* geld.

2.1.2 *De fono-, morfo- en leksikologyske ferliking fan it Leewarders mei it Nederlânsk en it Frysk*

De skeansetten farianten út it oanhelle tekstfragmint fan *Het vermaak der slagterij* set ik neffens de lûd- en wurdfoarmen (fonology en morfology)⁴ ôf tsjin it Nederlânsk en it Frysk út dyselde tiid. Bij dy rûge en tige foarriedige ferliking moat rekkene wurde mei it feit de Nederlânske, Fryske en Leewarder farianten út skriftlike boarnen komme. Dy jouwe in skreaune werjefte fan de taalfariëteiten út de achttjinde-ieu.⁵ Wij wite mei oare wurden net hoe't de fariëteiten krekt útsprutsen binne. De yndieling fan farianten bij ien fan de trije taalfariëteiten is ek net sûnder swierrichheden. Neier taalhistoarysk ûndersyk, dêr't in folle finere en wiidweidiger oanpak foar nedich is, sil mear ynsjoch yn

⁴De syntaksis sil foar in part mear in kwestje fan frekwinsje as fan absolute tsjinstelling west hawwe; it Frysk en it Leewarders hawwe bijgelyks allinnich de griene folchoarder (1. mulwurd en 2. helptiidwurd) as mooglikheid yn de bijsin, wylst it Nederlânsk ek de reade (1. help-tiidwurd en 2. mulwurd) tastiet, mar oft dat yn de praktyk faak sa wie, is min nei te gean.

⁵Foarmen en stavering fan it Nederlânsk en it Frysk binne basearre op *Fryske Almenakstikken út de 18de en it begjin fan de 19de ieu*, dy fan it Frysk benammen op it sânde stik 'Dij boer mei zyn erfenisse, allegjerre wier' dat troch in Ljouwerter (mooglik Jeltema neffens de ynlieder Ph. H. Breuker) skreaun is (Vries 1987).

it taalkundich komôf fan gâns Leewarder farianten jaan moatte.⁶

Skema 2.1 Kontrastive ferliking fan it Leewarders mei it Nederlânsk en it Frysk

	Nederlânsk	Leewarders	Frysk
fonology:	spelen	speule	spijlje
	tegen	teugen	tjin
	zomer	zeumer	zimmer
	zondag	zundag	sneyn
	kort	kut	kort
	moeten	mutte	matte
	schoorsteen	schustien	schoorstien
	geen	gien	nin
	alleen	allienig	allinnig
	twee	twie	twâ
	zullen	zelle	zille
	zouden	zude	zoene
	wouden	wude	woene
	kaarsen	kee.zen*	kjersen
	vandaan	van deen	fendinne
	dagt	dogte	togt
	beding	bedingst	betingst
	pond	pon	poen
	vonden	vonnen	foenen
morfology:	spelen	speule	spijlje
	aangekomen	ankoomen	oonkommen
	gedaan	deen	dien
	karweitje	karweike	karweike
	(je) wou	(dou) wuste	(dou) woeste
	(u/je) weet	(jou) weete	(y/jo) witte

* Sjoch noat 7

Op grûn fan skreaune teksten kinne de neikommende fonologyske foarmen karakteristyk foar it achttjinde-ieske Leewarders neamd wurde.

Skema 2.2 De karakteristike farianten fan it Leewarders

- . <eu> yn 'speule', 'teugen' en 'zeumer';
- . <u> yn 'zundag', 'kut', 'mutte' en 'schustien';
- . <ie> yn 'gien', 'allienig' en 'twie';
- . <ú> yn 'zude' en 'wude';
- . <ea> yn 'kee.zen' en
- . <ee> yn 'van deen'.

⁶Sjoch bijgelyks Van Bree, *Ontstaan Stadsfries*, op kommende weis.

Yn de karakteristike farianten wykt it Leewarders sawol fan it Nederlânsk as fan it Frysk ôf. Yn de oare foarbylden stiet it de iene kear oan de Nederlânske kant, de oare kear oan de Fryske. De <d> yn ‘dogte’ en ‘bedingst’ komt oerien mei it Nederlânsk en ferskilt fan it Frysk. Yn de fonologyske kombinaasje <nd>, yn ‘pon’ en ‘vonnen’ ûntbrekt dy <d>, en dêryn is it Leewarders krekt wer oars as it Nederlânsk en komt it oerien mei it Frysk. Dat lêste kin mei mear bijlûden it gefal wêze. De stavering dy't Jeltema brûkte, wiist nammentlik op in oare reälisaasje as dy't op grûn fan de útspraak fan it hjoeddeiske Leewarders ferwachte wurde mei. As er oan it begjin fan in wurd in <z>, <v> en <sch> skreaun hat, kinne dy neffens de ferwachting fan no respektivelik útsprutsen wurden wêze as [s], [f] en [sk], mar dêr is gjin folsleine wissichheid oer te krijen. De Fryske útspraak is wol foar twa lûden ôf te lieden út Jeltema syn oanwizingen yn it “voorbericht” fan syn stik: de <ui> stiet foar de útspraak fan [ü] en <ie> (dêr't it Nederlânsk ‘ij’ skriuwt) foar [i(:)] (bgl. ‘kruisbei-tiet’). Boppedat hat Jeltema (net konsekwiint útfierd oars) mei in stip oanjûn dat de [r] foar de oare alveölêren ([s], [z], [t], [d], [l] en [n]) *net* útsprutsen wurdt.⁷

Morfologysk falle de oerienkomsten mei it Frysk it measte op. Behalven it earste foarbyld, it ûntbrekken fan de *je*-tiidwurden yn it Leewarders (bgl. ‘speule’), komt dat ta utering bij it ûntbrekken fan it mulwurdprefiks *ge-*, yn ‘ankoomen’ en ‘deen’, it foarkommen fan it ferlytsingssuffiks *-ke*, yn ‘karweike’, en de twadde-persoanssuffiksen *-st* en *-e*, yn ‘wuste’ en ‘weete’.

Leksikologysk, yn de sin fan it tal wurden fan de wurdskat, liket it Leewarders, op spesifyk Fryske wurden as bijgelyks ‘jimmes’, ‘(dag) mennig’, ‘jamk’, ‘heitenhoris’, ‘liekwel’, en ‘helte’⁸ en wurden dy't foar it Frysk en it (eardere) Nederlânsk deselde binne nei, foar in grut part oan de Nederlânske kant te stean. Taalhistoarysk sil - lykas ik al earder neamd haw - it krekt beskieden fan wat oarspronklik Frysk en wat oarspronklik Nederlânsk is oars noch wol swierrichheden jaan. Hoe is dat bijgelyks mei ‘dou’? Is dat in fariant fan ‘du’ dat noch yn santjinde-ieusk Nederlânsk foarkomt⁹ of in fariant fan it Fryske ‘do(u)’? It antwurd op datsoarte fan fragen sil slim te jaan wêze, om't it yn dit soarte fan gefallen om de krekte útspraak giet.

Konkludearre kin wurde dat it Leewarders fonologysk op gâns punten ôfwykt fan it Nederlânsk en it Frysk, op in inkeld punt allinnich fan it Frysk ôfwykt en op gâns punten krekt wer mear oan de kant fan it Frysk stiet. Morfologysk binne der gâns oerienkomsten mei it Frysk, wylst it leksikon foar in grut part (besibbe mei it) Nederlânsk liket te wêzen, mar krekt op dat punt besteane noch grutte ûnwissichheden.

⁷“Bij voorbeeld, de woorden, Gort, Harlingen, Keerzen, Orten, enz., spreekende zodanig uit, als ofze niet in staat waaren om de letter R te kunnen noemen. Zoo men nu in het schrijven of drukken dezer woorden die letter t'elkens uitliet, zou de zin een verkeerde betekenis uitléveren. Om zulks voor te koomen, heeft men altijd een Stipje in plaats van de letter R gezet; als Go.t, Kee.zen, O.ten, enz.” (Jeltema, *Vermaak*, 1768: (2) [ek yn *Estrikken* XXII 1961: 72].)

⁸Wilkeshuis (*Landfriesse woorden*, 1943) jout in (lyts) oersjoch fan guon Fryske wurden yn it Leewarders. Hij merkt bijgelyks mei rjucht op dat it wurd ‘barch’ - dat ek bij Jeltema foarkomt - net typysk Frysk is, mar ek yn de santjinde ieu yn Hollân foarkaam (ibidem 14).

⁹Weijnen, *Zeventiende-eeuwse Taal*, s.j.: 47.

Myn *syngroan taalkundige* omskriuwing fan it Leewarders, dy't - nettsjinsteande taalkundige feroaringen op guon punten - ek noch foar de hjoeddeiske tiid jildt, is dêrom sa: it stedsdialekt fan Ljouwert is in taalfariëteit dy't net mei it Nederlânsk (morfology, in part fan de fonology en in part fan it leksikon) en net mei it Frysk (in part fan de fonology en in part fan it leksikon) oerienkomt. *It Leewarders hat taalkundich in eigen identiteit dy't it ûnderskiedt fan de twa oare fariëteiten dy't yn Ljouwert praten wurde.*¹⁰

Op grûn fan de syngroan taalkundige ferliking fan in tekst út de achttjinde ieu kin noch net útmakke wurde oft it Leewarders as in Frysk of as in Nederlânsk dialekt beskôge wurde moat.¹¹ Oan no ta hawwe de ferskillen mei de beide oare fariëteiten de klam krigen om it ôfwikend taalkundich karakter fan it stedsdialekt te omskriuwen. Jeltema syn beneaming fan de fariëteit fan it *Vermaak* mei "(platte) Leeuwarder taal"¹² helpt ús yn dit stik fan saken ek net fierder. In *diagroan* taalkundige analyze fan dy fariëteit kin in idee oer syn komôf jaan: út hokker fariëteit(en) is it Ljouwerter stedsdialekt ûntstien en hoe is dat histoarysk yn syn wurken gongen? It 'Leewarders' as in selsstannige entiteit is in begryp dat bij de tsjintwurdige Ljouwerter algemien oanwêzich is, mar dat de stedsmienskip foar en ek yn de twadde helte fan de achttjinde ieu faaks noch net hie.

2.2 In útwindige skiednis fan it Leewarders

2.2.0 Ynlieding

Nei oanlieding fan de algemiene karakteristiken fan de stêd yn de tweintichste ieu (sj. 1.1.1) besykje ik in antwurd te jaan op in tal fragen oer de histoaryske taalsitewaasje yn Ljouwert. As earste wol ik wite hokker wichtige funksjes at yn Ljouwert bijinoar kamen en hokker soarte fan ynstellingen at dêrmei anneks wienen. Dy funksjes en de dêrmei gearhingjende migraasjestreamen kinne fan ynfloed west hawwe op de taalferhâldingen. As twadde is it fan belang te witen hokker net-Fryske taalfariëteiten at bij it ûntstean fan in nije taalsitewaasje yn de stêd oanwêzich wienen, hoe yntinsyf en spesifyk at de kontakten mei de net-Friezen wienen en oft der sprake wie fan sosjale ferskillen tusken de taalgroepen.

Yn ferbân mei de fraach nei it taalkundich komôf en de histoaryske ûntjouwing fan it Leewarders wurde de twa wichtichste ideeën oer de ûntsteansskiednis¹³ mei inoar ferlike: skaait it Leewarders taalkundich ôf fan it Frysk - dat

¹⁰It is net de bedoeling om mei it boppesteande folslein te wêzen, mar om de wichtichste skaaimerken oan te jaan dy't yn dit proefskrift op it aljemint komme. Foar in fierdere taalkundige behanneling ferwiis ik nei *Het Stadsfries* fan Fokkema, de earste dissertaasje oer it Leewarders (1937: 75-186).

¹¹Sjoch foar útstellen op taalkundige grûnen Halbertsma (*Uitspraak van het Landfriesch*, 1867), Winkler (*Leeuwarder tongval*, 1867) en Gosses (*Stêdfrysk*, 1929 en *Yetris it Stedsk*, 1933).

¹²Jeltema, *Vermaak*, 1768: (1) en (2).

¹³Ozinga, *Ienheid en ferskaat*, 1983: 2-4.

neffens Fokkema¹⁴ sterk troch de Nederlânske amtnerstaal út de earste helte fan de sechtjinde ieu beynfloede wêze soe - of giet it lykas Hof¹⁵ mient bij it Leewarders om it oernimmen fan in Nederlânske omgongstaal fan Noardhollanners dy't har yn Ljouwert fêstige hienen?¹⁶

Nei't it ûntstean fan in nije taalsitewaasje yn de stêd en it komôf fan it Leewarders (de stedtaalfarming) behannele is, komme de folgjende fragen op it aljemint. Wannear is der tusken 1600 en 1900 reden om - yn ferhâlding ta de algemiene taal Nederlânsk - fan in spesifyk stedsdialekt te praten (de konseptualisearring)? Is de fariëteit út *Het vermaak der slagterij* fan 1768 net allinnich taalkundich 'Leewarders', mar is dy fariëteit, mei de namme 'Leewarders', ek yn de taalmienskip in begryp wurden? Ofsluten wurdt mei de fraach yn hoefier't it Ljouwerter stedsdialekt foar 1900 al inkeld ta de leechste sosjale groep ôfsakke is en dêrmei ta sosjolekt wurden is (de sosjolektisearring).

2.2.1 Maatskiplik libben en taal yn Ljouwert

2.2.1.0 Ynlieding

Yn de karakterisearring fan de stêd yn de tweintichste ieu is oanjûn dat sintralisearring fan ferskate funksjes yn de stêd mank gong mei de fêstiging fan ferskillende groepen minsken. It sosjale en geögrafyske komôf fan dy groepen soarge foar ferskaat yn sosjaal en taalkundich opsicht. It is mei it each op de útwindige skiednis fan it Leewarders fan belang om trije grutte funksjes te behanneljen dy't al fòar 1900 foar de sosjale gearstalling fan de stedsmienskip yn Ljouwert en de taalkundige fariaasje soarge hawwe: hannel, bestjoer en

¹⁴Fokkema, *Stadsfries*, 1937: 65-66.

¹⁵Hof, *Stedsk*, 1956: I.

¹⁶Yn it algemien wurdt de earste - Fokkema (1937) sines - fyzje, mei fariaasjes, oanhongen. Gildemacher omskriuwt it "Stadsfrys" yn it algemien as "oarspronklik Frys, dat onder sterke invloeden fan ut Hollaans staan het en staat" (*Se wûdden en se súdden*, 1979: 94, mar sjoch ek Gildemacher syn resintere omskriuwing: "Het Stadsfries (...) is ook geen Fries, maar een Nederlands dialect (...)." yn *Waterna-men*, 1993: 17). Feitsma neamt oan de iene kant "the so-called Urban Frisian: a form of Dutch, influenced by Frisian" mar oan de oare kant is dat Stedfrysk "in a way a more or less 'neutralised' variety of Frisian", om't it ûntdien is fan karakteristike Fryske eleminten (*Frisian language and identity*, 1981: 163). Vellenga, ien fan de bekendste skriuwers yn it Leewarders, folget Fokkema op 'e foet: it "stadsfries" is ûntstien út in "proces van vernederlandsing en ontfriezing". De wichtichste oarsaak fan dat proses wie "het ontstaan van een 'administratietaal' onder ambtenaren". (*Friesch Dagblad* fan 7-1-1983.) Vries leit de basis mei syn formulearring "Nederlânsk, mei it ek wêze yn in ûnsuvere, sterk troch it Frysk beynfloede foarm" ek bij de amtnerstaal (*Kânselarijpersoneel*, 1988: 61). Yn myn earste publikaasje oer it ûntstean fan it Leewarders sleat ik mij mei de omskriuwing "in Fryskere fariëteit fan Nederlânsk" bij Vries oan mei dit ferskil dat ik it Leewarders net yn de boppelaach ûntstean lit mar dêrûnder (Jonkman, *Untstean fan it 'Leewarders'*, 1989: 106). De Haan, *Meertaligheid*, 1992 kiest yn reäksje op myn artikel wer foar Fokkema 1937 (Sjoch foar myn reäksje dêr wer op Jonkman, *Besprek De Haan* (1992a), 1992: 101-102.

kleasterlibben. Dy funksjes bring ik yn ferbân mei de rommere histoaryske kontekst. De klam komt dêrbij te lizzen op de sechtjinde en santjinde ieu, om't yn dy snuorje - sa te sjen - de ekonomyske, demografyske en sosjale feroaringen west hawwe dy't lang om let ta de ûntfryske fan Ljouwert laat hawwe.

2.2.1.1 Ekonomyske en demografyske ûntjouwingen fan Ljouwert as hannelssintrum

De earste wichtige funksje dy't Ljouwert nei him talutsen hie, wie dy fan hannelssintrum. Yn 1285 waard Ljouwert yn in oarkonde fan de Noarddútske Hanzestêd Wismar neamd yn it rychje Starum, Grins, Kampen, Swolle, Dimter en Sutfen 'civitates'.¹⁷ It leit yn 'e reden dat Ljouwert as havenstedsje oan de Middelsee yn ferbining stie mei it netwurk fan de Hanzestêden, dat it kustgebiet omfieme fan Flaanderen oant Skandinaavje en de Baltyske lannen. De lingua franca yn dat netwurk wie de Hanzetaal¹⁸ it Leechdútsk. It Leechdútsk is tagelyk in oantsjutting foar in samling fan dialekten dy't net al te fier fan de Nederlânske dialekten yn dy tiid ôfstienen. Dat it bestean fan in ferkearstaal fan besibbe dialekten net in tydlik ferskynsel wie, is te begripen út de oan Spieghel taskreaune grammatika oer it Nederlânsk fan 1584:

Ick spreek (met Becanus) int ghemeen [in het algemeen] vande duytsche taal, die zelve voor een [één] taal houdende, dóch dat de zommighe wat te hóogh, andere wat te laegh spreken, ende dat de Nederzaxense óf Mysense spraack (vande welke wy ghekomen zyn) de middelbarichste ende vriendelyckste is, de welke van Brug af tot Ry [Riga] ende Revel [Reval] toe streckt, wel iet wat in de uytspreek verschelende, maar zó niet óf elck verstaat [de] ander zeer wel, (...).¹⁹

As wij ôfgean meie op de skriuwer fan dy grammatika, dan bestie der sa't it liket yn de sechtjinde ieu in besef fan it bestean fan in grut taalgebiet dêr't it eigen "duytse" dialekt yn brûkt wurde koe. Yn alle gefallen sille de minsken dy't yn dy tiid kontakten bûten it eigen wengebiet hienen, har kommunikatyf goed rêde kinnen hawwe. Ik stel my foar dat elk in algemienere ferkearstaal brûkte mei mear of minder eleminten út syn eigen dialekt. Slimmer wie dat foar de ynwenners fan it relatyf lytse Fryske taalgebiet, dy't sterk fan dat "duytse" ôfwikende Fryske dialekten praten. Foarsafier't sij kontakten mei net-Frysktaligen hienen, sille sij troch de oriïntaasje op dat folle gruttere Leechdútsk-Nederlânske taalgebiet twongen west hawwe om in algemienere ferkearstaal bij te learen. It Frysk waard op it plattelân fan Westerlauwersk Fryslân net oerjûn, ek al wie dêr neffens Faber ek gâns kontakt mei oarstaligen.²⁰ (Dat de gruttere stêden it Frysk oars ek net fan de iene op de oare

¹⁷De Groot-en-dy, *Leeuwarden*, 1985: 10.

¹⁸Sjoch foar in neiere behanneling Sanders, *Sachsensprache, Hansasprache, Plattdeutsch*, 1982.

¹⁹*Twe-spraak vande Nederduitsche letterkunst*, 1584: 110 [yn ed. Dibbets 1985: 501-502].

²⁰Faber, *Drie eeuwen*, 1973: 397.

dei oerjoegen, wurdt fierderop noch op yngongen.) Hannelslju út Fryslân sille fanwegen dat kontakt mei de net-Fryske bûtenwrâld hast altyd meartalich west hawwe. Kommunikative en ekonomyske needsaak twongen harren dêrta.

Hokker soarte fan taal troch de Friezen, en yn it bysûnder troch de Ljouwerters, bijleard waard, is faaks ôf te lieden út de fragmintaryske ynformaasje oer de hannelskontakten fan de Friezen yn de lette midsieuwen. De Fryske skipfeart bûten Fryslân hie yn dy snuorje it karakter fan frachtfeart foar Hamburgers, Ingelsen en letter benammen foar Hollanners. Oan de ein fan de fyftjinde ieu kaam ek de eigen (suvel)hannel mei Hamburch, Ryn- en Iselgebiet, Flaanderen en Hollân opsetten.²¹ Yn 1463 krige Ljouwert mei Snits, Boalsert en Warkum it privileezje foar frije hannel yn Hollân.²² As men dy pear oanwizingen ferliket mei de histoaryske ynformaasje oer de opkommende posysje fan Hollân -benammen Amsterdam - en de sterke posysje fan de Iselstêden yn dyselde tiid, dan sil it prate kinnen fan in Hollânsk kleure fariëteit mar ek fan in oar soarte fan fariëteit om de Sudersee hinne (Saksysk kleure taal út Oerisel en Gelderlân) of fan in algemienere ferkearstaal mei eleminten út ferskillende fariëteiten bij Friezen en Ljouwerters yn it bysûnder net ûngewoan west hawwe. Marseille syn sifermateriaal út it Kamper tolboek jout oan dat de Ljouwerter (mei dêrnei de Snitser en Boalserter) merk en skippers yn de twadde helte fan de sechtjinde ieu it grutste part fan de bûtertafier foar it Isel/Ryngebiet fersoargen.²³ Yn de santjinde ieu wie Hollân, benammen Amsterdam, it wichtichste gebiet dêr't Fryslân op tjuchte wie.²⁴

Mei it oanwinnen fan de hannel yn de fyftjinde ieu begûnen belangetsjinstellingen tusken stêd en plattelân har dúdliker ôf te tekenjen. It Fetkeaperske Ljouwert oppenarre him hieltiten mear as stêd nei't it slagge wie om yn 1435 de trije dielparochy's Aldehou, Nijehou en Hoek ûnder ien stedsrjucht te bringen.²⁵ It slagge miente en gilden fan Ljouwert yn 1481 de oermacht fan Camminga en oare Skieringer haadlingen te brekken. De grutte ynfloed fan dy miente en gilden op it stedsbestjoer wie fan dy gefolgen, dat de polityk tenei foar in wichtich part útmakke waard troch it ekonomyske belang fan de stêd.²⁶ Dochs soe earst nei 1524, doe't hiele Fryslân ûnder Karel V kaam, de echte ekonomyske opgong begjinne dy't oant yn de sechtiger jierren fan de santjinde ieu trochduorre. Hannel en skipfeart profitearren dêrfan. Stêden as Ljouwert en Snits, dy't in sintrale merkfunksje hienen, groeiden hurd. Ljouwert hie yn 1511

²¹Berkenvelder, *Frieslands handel*, 1963: 186-187.

²²Ibidem 181. Sjoch ek in dokumint út 1502 dat in oerienkomst tusken "die stede van Aemstelredamme" en "Lyowerden" oer de registraasje fan de ferkeap fan oxen en kij yn Amsterdam neamt (Singels, *Inventaris van het oud-archief*, 1893: 114). Jancko Douwama jout plakken oan dêr't de boargers fan "Lewerden" mei har hannel komme: "up de IJsel", "Groningen", "Hollant, Brabant, in Sticht van Utrecht, en int Sgrawen landt van Oest Frieslant" (Douwama, *Partijen*, ±1550: 436).

²³Marseille, *Verkeer en vervoer*, 1988: 11, 37 en 39.

²⁴Postma, *Handel en forkear*, 1949 en Roarda, *Skippersgilden*, 1961, sjoch ek Verdenius, *Amsterdamsk-Fryske parallellen*, 1942.

²⁵Spanninga, *Hoofdelingen en burgers*, 1987: 19. Sjoch ek myn ferbining fan Spanninga syn materiaal mei oare histoaryske achtergrûnen (Jonkman, *Untstean fan it 'Leewarders'*, 1989: 100-103).

²⁶Vries, *Friese Vrijheid*, 1986: 99.

noch likernôch 4000 ynwenners, yn 1606 wienen dat op syn minst 11.000, mar dat kinne ek 15.000 west hawwe.²⁷

Ljouwert waard yn de fyftjinde en benammen yn de sechtjinde en santjinde ieu hieltiten mear in stêd dy't yntinsive hannelskontakten ûnderhold mei plakken bûten it Fryske taalgebiet. Dy kontakten nei bûten ta dy't de Ljouwerters geregeld mar net permanint yn ferbining brochten mei oare fariëteiten, sille wat it taalgebrûk yn de eigen stêd oangiet, nei alle gedachten net it meast yngeand west hawwe. It plattelân en ek stedsjes as Hylpen, Warkum en Sleat, dy't ek wol kontakten bûten Fryslân hienen, hawwe harren Frysk net oerjûn. Dat Ljouwert en oare gruttere Fryske stêden lang om let in yngeande feroaring fan de taalsitewaasje meimakke hawwe, moat nei alle gedachten - nêst de mooglike gruttere yntinsiviteit fan de kontakten - mei yn it permaninte fan dy kontakten yn de gruttere stêden sels sitten hawwe; yn de fêstiging fan net-Friezen. Hoe at dy fêstiging yn it sechtjinde-ieske Ljouwert west hat, kin men mar ta in hichte in idee oer krije út sifers út bijgelyks de earste tsien jier fan it earste boargerboek ($\pm 1536 - 1545$).²⁸ It hiele tiidrek troch dat it âldste boargerboek beslacht ($\pm 1536 - 1651$), soenen Hollanners, Oeriselers en Geldersken (Iselstêden) de grutste groepen foarmje bij de nij-ynkommelingen fan bûten it Fryske taalgebiet.²⁹ Oan de oare kant is it frij wis dat de measte nije ynwenners fan Ljouwert fan it omlizzende Frysktalige plattelân kamen.

Nei de sechtjinde ieu mei syn grutte ekonomyske en demografyske groei kaam Ljouwert yn in navenant rêstiger tiidrek terjuchte. Yn de sechtiger jierren fan de santjinde ieu wie it, lykas hjirfoar al neamd, dien mei de grutte ekonomyske bloei. Fryslân yn it algemien soe fan dy ieu ôf foar in grut part op Hollân oriïntearre wêze.³⁰ De beskieden hannelsposysje fan Ljouwert as sintrum fan in agrarysk gebiet is oant yn de njoggentjinde ieu net yngripend feroare. Ek de stabilisearing fan it ynwennertal jout gjin oanlieding om te tinken dat der tusken de earste helte fan de santjinde ieu en de lêste fan de njoggentjinde yngeande feroarings op it mêd fan de befolkingsgearstalling west hawwe. Dat hoecht lykwols net yn te hâlden dat der hielendal gjin migraasje

²⁷Faber, *Handel und Schifffahrt*, 1962: 39 en Faber, *Drie eeuwen*, 1973: 45-46.

²⁸Lang net alle ynkommelingen, froulju bij útsûndering en tsjinstfolk mar foar in part, waarden ynskreaun. De registraasje beheinde him ta de offisjele boargers dy't dat waarden troch boargerjild te beteljen. Yn dat boargerboek is spitigernôch it eardere wenplak lang net altiten oanjûn, mar Fokkema lit sjen dat de net-Friezen rûnom út Nederlân weikamen. Hollanners en Oeriselers namen in relatyf grut oanpart fan de nij-ynkommelingen yn; fan de 460 registrearre minsken kaam op syn minst in treddepart út net-Fryske kontreien. (Fokkema, *Fryske tael en Ljouwert*, 1935: 16 en 1937: 18-19.)

²⁹Zandberg, *Oudste burgerboek*, 1989. Sjoch ek de sted- en resesboeken fan Snits (*Recesboeken*, 1960). Dêryn wurde ek hannelskontakten mei en fêstigingen fan benammen lju út gebieten om de Sudersee hinne neamd. De meast neamde plakken yn de Snitser resesboeken fan 1490-1517 binne achterinoar: Amsterdam, Dimter, Inkhuzen, Haarlim, Hoarn, Kampen, Leiden, Utrecht en Swolle. Fan de minsken dy't har dan fêstigje yn Snits komme 25 út Haarlim, 14 út Kampen, 12 út Dimter en 12 út Amsterdam. Sjoch foar dit en oare kontakten tusken Amsterdammers en Snitsers om 1500 hinne De Vries, *Amsterdammers en Sneekers*, 1975.

³⁰Faber, *Drie eeuwen*, 1973: 292.

mear west hat. Soe der yn 1606 al sprake wêze fan maksimaal sa'n 15.000 Ljouwerters, yn 1714 en yn 1795 kaam it tal ynwenners, mei skommelingen nei ûnderen ta dêr tuskentoch, mar justjes boppe dat sifer út.³¹

Lykas yn tabel 2.1 te sjen is, sette om 1800 hinne de opgeande line wer stadichoan yn.

Tabel 2.1 Tal ynwenners fan Ljouwert yn de njoggentjinde ieu³²

jier	tal ynwenners
1809	16.695
1839	23.400
1869	26.036
1899	32.162

De ferstedsking fan Ljouwert yn de njoggentjinde ieu krige stal yn it oanwinnen fan bûtenwiken mei ferskillende sosjale achtergrûnen.³³ It Fliet (mei dêrbij de Weerklank) en Aldegalijen waarden, noch mear as earder, wiken mei in funksje fan ambachtlike bedriuwichheid. De grutte groei siet him yn de lêste trije desennia foar 1900 doe't ek yn Ljouwert de modernisearring wat dúdliker te fermimmen wie. De steammasine en de gasmotor waarden nei in hoeden begjin yntensyf ynsetten yn it produksjeproses.³⁴ Yn 1863 kaam de stêd boppedat oan it spoar nei It Hearrenfean te lizzen en dat soarge yn 1868 mei de trochferbining nei Swolle foar in gruttere mooglikheid ta kontakten mei de rest fan Nederlân.

Gearfetsjend kin foar Ljouwert fan yngeande ekonomyske en demografyske ûntjouwingen praten wurde. De stêd ûntjoech him ta in grutter hannelsintrum dêr't net allinnich Frysktaligen fan it omlizzende plattelân - as grutste groep - troch oanlutsen waarden, mar ek net-Friezen. Dy lêstneamde groep fan hannelslju en fêstigers út it gebiet om de Sudersee hinne sil benammen yn de sechtjinde ieu in wichtige ynbring yn de befolkingsgearstalling hân ha. Hollân waard troch syn liedende ekonomyske posysje yn de Nederlannen it gebiet dêr't Fryslân nei de sechtjinde ieu it meast op rjuchte wie.

³¹Schroor en Van der Woude, *Bevolkingssomvang van Leeuwarden*, 1990: 178.

³²Befolkingsregister gemeente Ljouwert.

³³Schroor en Van der Woude, *Bevolkingssomvang van Leeuwarden*, 1990: 187.

³⁴De Jong, *Industrialisatie*, s.j.: 3-8.

2.2.1.2 It bestjoer

Oer de taal fan Ljouwert as bestjoerssintrum binne op it foarste plak oanwizingen te finen yn de ferslaggen dy't amtners optekene hawwe. De skreaune taal fan de bestjoerders fan Fryslân is foar in part dellein yn de dokuminten fan de stedskânselarijen. Dêrút is net allinnich ôf te liden dat de eigen folkstaal, it Frysk, nei de oergong fan it Latyn (ein fjirtjinde ieu) de meast brûkte skriuwtaal waard, mar ek dat de net-eigen folkstaal, it Nederlânsk, al yn de fyftjinde ieu in grut plak ynnaam. Fan Starum (tusken 1292 en 1411 yn Hollânske hannen) en Boalsert binne wol Nederlânsktalige, mar alhiel gjin Frysktalige oarkonden bekend. It brûken fan it Nederlânsk wie sa't it liket allang foar it ferlern gean fan de Fryske frijheid (1498) gjin útsûnderlike saak, mar lykwols stapten de oare grutte stêden earst yn de perioade 1515-1524 hielendal fan it Frysk as skriuwtaal ôf.³⁵ Ek yn Ljouwert wie it mei de opfolging fan Hemma Odda zin, de lêste stedsskriuwer fan Ljouwert dy't noch regelmjittich Frysk brûkte, troch Wilko Folkert zoen (yn 1508?) op in pear útsûnderingen nei mei it skriftlik Frysk dien.³⁶ It Frysk soe it oars yn de dokuminten fan it Sint Anthony-Gasthûs, in soarte fan âldereintehûs yn Ljouwert, net folle langer úthâlde. Op in pear útsûnderingen nei binne de oarkonden nei 1530 allegear yn it Nederlânsk skreaun.³⁷

Krekt ek yn dy tiid waarden de kontakten mei net-Friezen op bestjoerlik nivo yntinsiver. Nei it ferlern gean fan de Fryske frijheid yn 1498 naam in tal Saksyske amtners de heechste posysjes yn, mar dy lykje op it skriftlik gebrûk fan it Frysk bij it stedsbestjoer fan Ljouwert net in beslissende ynfloed hân te hawwen, ek net doe't Ljouwert yn 1504 ta haadstêd fan Fryslân makke waard. Der ûntstie earst in nije bestjoerlike sitewaasje, nei't yn 1515 de stêd yn de hannen fan Karel V oergongen wie. De ynfloed fan Brussel waard yngeander nei 1524. Sûnt dy tiid waarden stelselmjittich hast inkeld amtners út it suden en westen fan de Nederlannen bij it Hof beneamd.³⁸ Oant Fryslân de oare provinsjes bijfoel yn de Opstân (1578-'80), soenen de Friezen troch fjemden regearre wurde. De oergong fan it bestjoer nei Friezen hold lykwols net yn dat it Frysk wer bestjoerstaal waard. Dat wie en bleau inkeld it Nederlânsk oant yn de tweintichste ieu.

It opfallendste skaaimerke fan de gearstalling fan de bestjoerlike rûnten yn Ljouwert fan de sechtjinde ieu wie, dat likernôch in heale ieu lang de heechste posysjes troch amtners fan it Brusselske regear ynnommen waarden. Dy amtners waarden mei "Brabanners" oantsjuten, al kamen de leden dêrfan ek wol út Hollân of Seelân wei.³⁹ Sij namen dêrmei ek hege posysjes binnen de stedsmienskip fan Ljouwert yn. Yn de oare stêden yn Fryslân sil dy spesifike groep der net west hawwe.

³⁵Vries, *Skriuwtaal fan Fryske stedskânselarijen*, 1989b: 20. Sjoch ek Vries, *Verdrängung altfrieschen Schreibrache*, 1990b: 92-94.

³⁶Vries, *Hemma odda zin*, 1981.

³⁷Eekhoff, *Oorkonden St. Anthony-gasthuis*, 1876. Sjoch ek Vries, *Skriuwtaal boargers*, 1990a: 83.

³⁸Vries, *Kânselarijpersoneel*, 1988 en idem, *Gerrit van Loo*, 1991.

³⁹Vries, *Kânselarijpersoneel*, 1988: 71-72.

2.2.1.3 It kleasterlibben

Oan de ein fan de midsieuwen wie Ljouwert in wichtich plak foar it kleasterlibben. Foar 1500 stienen trije kleasters, ien Dominikaanske (sûnt 1245) en twa Fransiskaanske, yn of bij de stêd. Yn 1524 kaam dêr noch in Dominikaansk frouljuskleaster bij. Der binne gjin skriftlike boarnen fan de kleasteradministraasjes oerlevere. Om dochts in idee oer de dêr brûkte taal te krijen, hat Fokkema de skriftlike stikken fan kleasters bij Dokkum, Akkrum en Sibrandahûs (Klaarkamp) tusken 1400 en 1530 op in rychje setten. Fokkema makket út de ynventarisasaasje fan dy stikken op, dat oarkonden dy't in oerienkomst mei in net-geastlike fêstlizze, meast yn it Frysk steld binne en oerienkomsten tusken geastliken yn it Nederlânsk of inkeld ris yn it Latyn. Ek yn de kleasters binne nei 1515, op in útsûndering nei, alle oarkonden yn it Nederlânsk opsteld.⁴⁰ Letter fynt Fokkema in stikje tekst fan it Dominikaanske frouljuskleaster út 1531; it is yn dialektysk (Hollânsk?) kleure Nederlânsk skreaun. Hij neamt it “in soarte fan Ljouwerters”.⁴¹

Der kin mei in slach om de earmtakke sein wurde dat ek de kleasters ta in beskate ûntfrysking fan Ljouwert bijdroegen hawwe sille. De funksje fan de kleasters ferfoel mei it oergean nei it protestantisme fan Fryslân yn 1580.

2.2.1.4 Konklúzje

De oriïntaasje op it net-Fryske taalgebiet en de kultuer dy't dêrbij hearde, faaks ek it stedskarakter foar it plattelân oer en nei alle gedachten de gearstalling fan de befolking hawwe bijdroegen oan in beskate ûntfrysking fan Ljouwert yn de sechtjinde en santjinde ieu. Dat tiidrek sil fanwegen de grutte sosjale feroaringen ek de wichtichste taalkundige feroaringen ta stân brocht hawwe.

Hellinga brocht bij it ferlerngean fan it Frysk as skriuwtaal noch bij dat net allinnich sosjaal-ekonomyske en steatkundige faktoaren de kulturele ynfloed fan it Nederlânsk yn Fryslân al fôar de sechtjinde ieu ferklearje kinne. It gong doe en letter ek om in akseptaasje troch de Friezen fan de kultuer fan Hollân (Brabân) as in hegere beskaving.⁴²

⁴⁰Fokkema, *Stadsfries*, 1937: 22-31. Sjoch foar in folsleiner oersjoch Vries, *Skriuwatalen kleasters*, 1989a.

⁴¹“Item doedo onse faer het ons gheuen op sijnte dominicus dach doe uuij professij deden een enckel golden renten die hij had wt dat hus dat in ons fijer cant staet op die horn bij fopme tijs hus ende ij enckel van die afterstaliyghe hwer ende vat daer anders haeld is woer een aelmijs.” Oanhelle troch Fokkema (*Hof en ûntstean Ljouwerters*, 1960b: 139-140 en ek yn idem, *Nei wider kimen*, 1969: 314). (Argyf fan Gent. Oarkondesamling fan it Wite Nonnekleaster yn Ljouwert, ynventarisnummer 2719.)

⁴²Hellinga, *Balling 's Lands*, 1938a: 83 en idem, *Bijdragen*, 1968: 396.

Yn de neikommende subparagraaf sille de ferhâldingen tusken de sprektafen dêr't fan ûndersteld wurdt dat dy oan de ein fan de fyftjinde ieu ôf oant yn de njoggentjinde ieu yn Ljouwert yn gebrûk wienen, mei de foargeande histoaryske rekonstruksje yn ferbân brocht wurde.

2.2.2 *De sprektafen yn Ljouwert sûnt 1498*

2.2.2.1 De stedtaalfarming

De brek yn de summier oerlevere skriftlike stikken út it bestjoerlik ferkear fan Ljouwert soe der op wize kinne, dat it Frysk yn it twadde fearn fan de sechtjinde ieu as skriuwtal wol sa goed as ferdwûn is út Ljouwert. De oergong yn de skriuwtal is lykwols in kwestje fan in tinne sosjale boppelaach. It ferdwinen fan de skriuwtal hoecht op himsels noch neat oer de omgongstaal yn Ljouwert te sizzen. Ek op it plattelân fan Fryslân is it Frysk foar de midden fan dyselde ieu as skriftlik medium ferdwûn, mar de mienskipstaal is dêr ek no noch Frysk. It feit dat it Frysk yn Ljouwert as skriuwtal in tweintich jier earder as op it plattelân ferdwûn, soe oars wol as in oanwizing foar ferskillende taalferhâldingen bij de hegerein yn it twadde fearn fan de sechtjinde ieu sjoen wurde kinne. It is net ûnoannimlik dat yn dat fearn - mooglik nei in perioade fan twataligens - de ûntfrysking yn de omgongstaal yn de hegere lagen fan de befolking foar in part syn beslach krige.

2.2.2.1.1 De sosjale posysje fan de fariëteiten yn de stedsmienskip

In earste oanwizing dat benammen oare fariëteiten as it Frysk troch stedsjers fan Ljouwert *praten* waarden, joech de Switser Conradus Gesnerus yn 1555:

Hjoeddeis lykwols skikke de West-Friezen [=Westerlauwerske Friezen], benammen yn de stêden, har hast hielendal nei de Brabânske en Hollânske omgongstaal, net allinne fanwegen de hannel fan de Hollânske keaplju, mar ek om't de keizer, doe't dy dêr de hearskippij yn hannen krige, yn har heechste Hof foar it measte-part Brabanders oansteld hat, dy't yn har eigen taal rjocht sprekke en alle pleitsaken en oerienkomsten foar it folk opskriuwe.⁴³

Yn de stêden, dus ek yn Ljouwert, wie neffens Conradus Gesnerus in oanpassing bij de Brabânske omgongstaal fan de minsken fan it Hof en de

⁴³Hodie autem occidentalis Frisij, in ciuitatibus praecipue, ad Brabanticum et Hollandicum sermonem proxime accedunt, cum propter Hollandorum negotiatorum commercia, tum quod Caesar ibi principatum obtinens in summa eorum Curia Brabantos plerunque constituit: qui sua lingua et ius dicunt, et res controuersas contractusque omnes plebi conscribunt." (Conradus Gesnerus, *Mithridates*, 1555: 39, oersetting neffens Breuker, *Ungongfoarsizzingen*, 1983: 2)

Hollânske fan de keaplju. Oft it doe gong om in tydlike oanpassing yn de foarm fan in koadewiksel tsjin net-Fryskpratende persoanen of om in permaninte taaloergong nei it Brabânsk en it Hollânsk is op grûn fan it sitaat net út te meitsjen. As wij op Ubbo Emmius ôfgean meie, dan liket oan de ein fan de sechtjinde ieu in permaninte oergong yn de sprektaal yn de stêden fan Fryslân wol in ein hinne syn beslach krigen te hawwen:

Mar de tiid hat alles al feroare: gewoanten en seden binne feroare, de âlde klaaiïnge is alhiel oan kant dien, de taal is weromkrongen, en is oan hast alle stedsminsken ûnbekend (...).⁴⁴

Ek al komt de omskriuwing foar de (produktive mar faaks ek reseptive) behear-sking fan it Frysk “oan hast alle stedsminsken ûnbekend” mij foar Ljouwert wat ekstreem oan (nei alle gedachten gong dy omskriuwing allinnich de hegere lagen oan), it liket der wol op dat it yn de stêd net allinnich (foar in part) weromkrongen is, mar dêrtroch ek sosjaal minder as earder bij te setten hie.

Suffridus Petrus - in yn 1527 berne Ljouwerter - befêstige dat it Frysk oan de ein fan dy ieu in beheind plak yn de stêd krigen hie:

Sawol de taal as de manier fan prosedearjen fan it Hof koe de studearre lju hjirhinne noegje, want de eigentlike Fryske taal wurdt hjoeddeis benammen op it plattelân brûkt, wylst yn de stêden de algemiene Nederlânske taal brûkt wurdt, dy't yn Ljouwert suverder is as yn oare dielen fan Fryslân en wol fanwegen de oanwêzigens dêr fan it Hof, dat meast it Brâbanske ‘dialekt’ brûkt.⁴⁵

Nêst de beheinde posysje fan it Frysk yn de stêd wurdt ek it assosjearjen fan it Brabânske Nederlânsk mei de minsken fan it Hof troch Suffridus Petrus syn sitaat befêstige. Lykas yn Hollân waard yn Fryslân it takennen fan de suverens fan it Nederlânsk yn Ljouwert - likefolle at it bij Suffridus Petrus syn beskriuwing no om propaganda of wierheid giet - yn ferbân brocht mei it Brabânsk, dat yn de haadstêd droegen waard troch de amtners fan it Hof dy't bij de heechste laach hearden.

De oanhelle omskriuwingen fan de taalsitewaasje yn Ljouwert troch minsken dy't sels yn de sechtjinde ieu libbe hawwe, litte inkeld de útspraak ta dat der yn de rin fan dy ieu - yn alle gefallen yn de twadde helte mar mooglik al dêrfoar - in beskate ûntfrysking west hat dy't it Frysk in lytser en nei alle gedachten ek in leger plak jûn hie. De legere posysje fan it Frysk yn de stêd kin

⁴⁴“Sed omnia iam mutauit aetas: instituta et mores conuersi, habitus omnino antiquatus, lingua in arctum redacta, et urbanis hominibus prope cunctis ignorata, (...)” (Ubbo Emmius, *Rerum Frisicarum historia*, 1596: 88, oersetting fan mij, RJJ).

⁴⁵“Invitare huc studiosos tum lingua popularis, tum etiam Curiae stylus poterat, lingua enim quae Frisica propriè est, in agris hodie potissimum usurpatur, in Oppidis usurpatur communis lingua Belgica, quae Leoardiae purior est, quam in aliis Frisae partibus, ob praesentiam Curiae, quae dialectum maximè usurpat Brabantiam.” (Suffridus Petrus, *Scriptoribus Frisiae*, 1699: 248-249, earst ferskynd yn 1593, oersetting neffens Vries, *Kânselarijpersoneel*, 1988: 61).

oan de ein fan de sechtjinde ieu de reden west hawwe om it Frysk as in spesifike plattelânstaal te sjen.

De fariëteiten dy't it plak boppe it Frysk ynnamen, waarden Brabânske en Hollânske omgongstaal neamd. It Brabânsk hie mei it bestjoerlik fermidden fan it Hof en de suverens fan de Nederlânske taal sa't dy ek bûten Fryslân praten waard, te krijen. Dêryn wykte de sitewaasje net ôf fan de sitewaasje yn Hollân. Kloeke skriuwt oer it foarkommen fan it Brabânsk en it Hollânsk yn Amsterdam dat neffens mij mutatis mutandis mei de oanwêzigens fan beide fariëteiten yn Ljouwert te ferlykjen is. De komst fan in soad frjemden út de Súdlike Nederlannen oan de ein fan de sechtjinde ieu beynfloede de útspraak fan de oansjenlike, mear op it beskaafde Nederlânsk (súdlik) rjuchte Amsterdammers. De maritime fermiddens fan Amsterdam sille sûnder mis it relatyf Hollânskere Amsterdams praten hawwe.⁴⁶ It Brabânske Nederlânsk naam ek yn Ljouwert sosjaal in hege posysje yn. It Hollânsk waard mei de hannel ferbûn. It plak fan it Hollânske Nederlânsk sil, sjoen it beheinde en legere posysje fan it Frysk, altiten heger west hawwe as it Frysk.⁴⁷

Yn de trije oanhelle omskriuwingen waard net ferwiisd nei oare fariëteiten as Frysk, Brânsk/Nederlânsk of Hollânsk. Sjoen de histoaryske ynlieding soe der ek sprake wêze moatte fan Saksyske fariëteiten út bijgelyks de Iselstêden. Hawwe Conradus Gesnerus, Ubbo Emmius en Suffridus Petrus it Saksysk net opmurken (faaks om't easterske ynfloeden gewoan wienen) of is it fanwegen de gelikens ûnder de namme fan Hollânsk of Nederlânsk beflapt? It kin ek sa wêze dat de mooglike Saksyske eleminten yn de twadde helte fan de sechtjinde ieu al opongen wienen yn in algemienere ferkearstaal dy't mear of minder dialektysk Hollânsk kleure wie. As wij ôfgean meie op Jan de Laet - dy't yn 1640 it Nederlânsk yn Fryslân (dêr't nei alle gedachten de hegere stedtaal yn de stêden mei bedoeld waard) ferlike mei it Hollânske en it Flaamske en Brabânske Nederlânsk - soe dat lêste it gefal wêze kinne. De Laet woe ha dat it Fryske Nederlânsk it meast oerienkaam mei it soarte fan Nederlânsk yn Hollân.⁴⁸

De mooglike Saksyske ynfloed op de stedtaal fan Ljouwert fòar de santjinde ieu is oars mei de boarnen dy't wij ta ús foldwaan hawwe net goed út te meitsjen.⁴⁹ Hellinga hat it finen fan skreaune teksten mei libbene beskaafde omgongstaal út de sechtjinde en santjinde ieu op in pypfol, om't it stribjen yn dy tiid

⁴⁶Kloeke, *Hollandsche expansie*, 1927: 124-129, sjoch ek stelling VII op s. 197. Hellinga (*Opbouw*, 1938b en idem, *Bijdragen*, 1968: 28-29) sjocht net in al te skerpe opdieling tusken it Hollânsk fan it plattelân en dat fan de legere fermiddens yn de stêd (sj. 1.2.2.1).

⁴⁷Ferlykje Hermann-Winter, *Prestige und Bewertung*, 1990: 46, oer it waarnimmen fan in stratifikaasje yn it sechtjinde-ieuske Leechedútsk fan de universiteitsstêd Rostock.

⁴⁸“(…) atque etiam Frisica dialectus nonnihil differt ab hollandica, magis a Brabantica et Flandrica, (...)” (De Laet 1640: 374, 154, sjoch Haantjes, *Gysbert Japicx*, 1929: 253.) Ferlykje ek Eekhoff dy't yn de njoggentjinde ieu in ferbining lei tusken de stedtaal fan Ljouwert en de taal yn Hollân (sjoch noat 101).

⁴⁹Yn de literatuer wurdt ek wol nei de mooglikheid fan ynfloed fan saksyske dialekten op de stedtaal fan Ljouwert ferwiisd, mar fierder net mei bewiisplakken útwurke (Suringar, *Prospectus*, 1831, Te Winkel, *Geschiedenis*, 1905: 443 en Van Haeringen, *Besprek Fokkema, Stadsfries*, 1937: 334-335).

benammen rjuchte wie op de “Algemeen Beschaafd Nederduitse” skriuwtaal, sawol yn Hollân as yn Fryslân. Guon dúdlik ôfwikende fariëteiten as Ald-Amsterdams en Frysk waarden oars wol - ûnder oaren as kluchtetaal - yn teksten brûkt.⁵⁰

Wij moatte it wat de libbene (beskaafde) omgongstaal oangiet dwaan mei Conradus Gesnerus syn oantsjutting Brabânske en Hollânske omgongstaal. Op grûn fan de parallellen mei Hollân (sj. 1.2.2.1) en de omskriuwing fan Suffridus Petrus (sj. hjirboppe) is it oannimlik dat ek yn Ljouwert it kultivearre Brabânsk de heechste offisjele status hie en de Hollânske omgongstaal fan de hannelslju in relatyf legere. Wêr't de algemiene beskaafde skriuwtaal yn it sechtjinde-ieske Ljouwert mei de Hollânsk kleure omgongstaal yn ferskilde, is mei in grutte slach om de earmtakke wol wat oer te sizzen. As foarbyld ferlykje ik eleminten sa't dy út de oerlevere amtlike stikken fan it Hof fan Fryslân fan nei 1524 út it twadde fearn fan de sechtjinde ieu⁵¹ mei Hollânske dialektfoarmen dy't karakteristyk binne foar it lettere Leewarders (sj. ek skema 2.1 en 2.2). De dialekteleminten komme út de tiid fòar en nei de sechtjinde ieu, te witen fyftjinde-ieske teksten yn Hollân⁵² en út de begjin-santjinde-ieske *Klucht van de Meulenaar* fan Bredero.⁵³ Ik nim oan dat dy foarmen ek yn de sechtjinde-ieske omgongstaal foarkamen.

De Hollânske foarmen mei <eu>, <u> en <ie> wykten ôf fan de sa goed as konsekwiint skreaune foarmen dy't mei de hjoeddeiske Nederlânske oerienkomme (sj. skema 2.3). Ek Van den Berg stelt fêst dat it bij it noch lytse ferskil tusken beskaafd- en boere-Hollânsk yn it begjin fan de santjinde ieu yn Hollân ûnder oaren gong om it mijen fan lûden as <eu> yn wurden as 'seun' en 'seumer', en it ferfangen fan de <ie> troch <ee>, bgl. 'ien' en 'gien'.⁵⁴ In frekwint brûkt tiidwurd as 'zullen' waard mar bij grutte útsûndering troch de Hollânske dialektfoarm 'zellen' ferfongen.

Dat it ûnderskied tusken Brabânsk Nederlânsk en Hollânsk Nederlânsk yn de sechtjinde-ieske sprutsen taal fan Ljouwert ûnder oaren út de oannommen ferskillen bestie is fansels net mei folsleine wissichheid te sizzen. Der is yngeander taalhistoarysk ûndersyk nedich om dat sekuerder fêst te stellen. It is oars wol oannimlik dat de oanhelle Hollânske foarmen foarkamen yn it taalgebrûk fan de Hollânske hannelslju yn it sechtjinde-ieske Fryslân.⁵⁵ De fariëteit mei de Hollânske dialektfoarmen krige in relatyf leger prestiizje, yn alle gefallen foar de skriuwtaal, takend.

⁵⁰Hellinga, *Stadsfries, taalverhoudingen, taalinvloed*, 1940: 46-47 en idem, *Bijdragen*, 1968: 486-487.

⁵¹Sjoch bijgelyks teksten fan it Hof út de perioade 1530-1550 (Mellink, *Documenta*, 1975). Dêrbij moat wol betocht wurde dat de sprektal fan de Brabanners ek wol neffens dialekt út Brabân kleure wêze kin, mar yn alle gefallen net mei it Hollânsk oerienkomt.

⁵²Heeroma, *Hollandse dialektstudies*, 1935: 11 (ie), 33 (sel), 115 (eu) en 118 (u).

⁵³Bredero 1613 yn ed. Adema 1983: 7 en 10.

⁵⁴Van den Berg, *Boers en beschaafd*, 1943: 242-243.

⁵⁵Van der Wal (*Geschiedenis*, 1992: 263) ornearret dat skippers en oare skipslju foar de fersprieding fan de dialektútspraak [ü] oer gebieten om de Sudersee hinne soarge hawwe.

Skema 2.3 Kontrastive fonologyske ferliking fan it Brabânsk en it Hollânsk (ferlykje skema 2.1 en 2.2.)⁵⁶

Brabânsk (=Nederlânsk)	Hollânsk
zoon	zeun
zomer	zeumer
zondag	zundag
een	ien
twee	twie
geen	gien
zullen	zellen

De sosjale posysje fan de trije behannele fariëteiten yn it twadde en tredde fearn fan de sechtjinde ieu yn de stêd soe dus op grûn fan beskriuwingen út dy tiid - en stipe troch in lytse kontrastyf taalkundige ferliking - foarearst yn rûge halen sa werjûn wurde kinne: boppe-oan it Brabânsk - dat oan de algemiene Nederlânske (skriuw)taal ferbûn waard -, dan yn in middenposysje it Hollânsk en hielendal ûnderoan it Frysk.

2.2.2.1.2 De stedtaalfarming en de diskusje oer it taalkundich komôf fan it Leewarders

De foargeande ferhanneling wie bedoeld om in rûge skets fan de stratifikaasje yn de Ljouwerter stedsmienskip te jaan. Dy hypotetyske skets wol ik no ferlykje mei de ideeën fan Fokkema en Hof oer it komôf fan it Leewarders. Giet it, koartsein, no om in Frysk of om in Nederlânsk dialekt?

Bij de stedtaal fan Berlyn lei it begjin bij de sprektal fan de heechste groepen (it Obersaksysk) en net bij de ôfwikende offisjele skriuwtal (it Heechdútsk). It autochtoane dialekt fan de stêd en it omlizzende plattelân (it Leechdútsk) hat dêr op de iene of de oare wize op ynwurke. Der ûntstie yn alle gefallen yn de sechtjinde ieu in fan it Leechdútsk ôfwikende fariëteit yn Berlyn. Bij de behanneling fan it oernimmen fan de ynfierde sprektalen yn Ljouwert yn de sechtjinde ieu - it Brabânsk en it Hollânsk - haw ik konkludearre, dat dêrtroch de stedsmienskip faaks foar de midden, mar yn alle gefallen oan de ein fan dy ieu, foar in wêzentlik part oergongen wie op in net-Fryske omgongstaal yn de hegere lagen. It Frysk wie foar in wichtich part nei it plattelân ferkrongen. Fan dy tiid ôf wie der yn de Ljouwerter stedsmienskip sprake fan in fan de plattelânstaal (Frysk) ôfwikende, want net-Fryske, stedtaal. De kombinaasje fan dy Brabânske en Hollânske (en Saksyske?) fariëteiten mei in beskaat Frysk substraat waard eigen oan Ljouwert. Ljouwerters dy't dy net-

⁵⁶Dizze foarbylden binne keazen om't de foarmen ûnderinoar kontrastyf binne, se faak en konsekwint foarkomme en de stavering net al te folle ynterpretaasjeswierrichheden jout. It ui- en it ij-lûd - of farianten dêrfan - as spesifike Brabânske fariant is fanwegen de multynterpretabele stavering ôffallen. Yn ien en itselde stik kamen bijgelyks 'uu', 'uuy', en 'uy' foar.

Fryske taal as twadde taal leard hienen, sille dy nei ferrin fan tiid op de bern oerdroegen hawwe. Dêrmei waard dy fariëteit foar dy Ljouwerters ta memmetaal.

‘Leewarders’ is in benaming fan de stedtaal dy’t - lykas te ferwachtsjen wie nei de skôging oer it ûntstean fan in spesifyk stedsdialekt (sj. 1.1.2) - oan de ein fan de sechtjinde ieu net oantroffen is. Dat wol net sizze dat de oannommen Brabânske en Hollânske komponinten fan dy stedtaal (sj. skema 2.3) net ferlike wurde kinne mei de taalkundige skaaimerken fan it Leewarders, lykas wij dat no kenne.

Kloeke en Fokkema hawwe de oanset ta de diskusje oer it komôf fan it Leewarders jûn mei in mei inoar oerienkommende útlis oer syn taalkundich ûntstean. Kloeke sketst yn it koart de komst fan Easterske amtners fan Albrecht fan Saksen tusken 1498 en 1515 en fan Boergondyske amtners fan Karel V nei 1524, dy’t bestjoerlik en sosjaal it heechste plak ynnamen. Dat hie syn útwurking op de taalferhâldingen; it Frysk ferdwûn alhiel as bestjoerstaal midden-sechtjinde ieu en wie doe al ynwiksele foar justjes Eastersk kleure Nederlânsk. Kloeke basearret dat ûnder oaren op de skreaune taal yn de oarkonden fan it Sint Anthony-Gasthûs yn Ljouwert. Tagelyk leit er it begjin fan “verdietsching” (“Diets” = súdlik kleure Nederlânsk) en “verhollandsching” (“Hollandsch” = westlik kleure Nederlânsk) yn it Boergondyske tiidrek.⁵⁷ Foar alle trije soarten fan Nederlânsk jout er fierder gjin neiere taalkundige definysjes. Mei dizze analyze fan de let-fyftjinde- en sechtjinde-ieuske stedsmienskip jout er de identiteit en de tiid fan ûntstean wer:

Wat is eigenlijk het Stadfriesch? Het antwoord, dat elke rechtgeaarde Fries op deze vraag zal geven, zal niet bepaald gunstig luiden: een sterk met Friesche woorden en klanken doorspekt en “verbasterd” Hollandsch, een “mengelmoes”, waarin wellicht ook heel wat “Saksisch” voorkomt, een taaltje in elk geval zonder orde en regelmaat. (...) Ze is evenals het Bilkersch een taal, die haar ontstaan te danken heeft aan de vermenging eener eigenaardige autochthone cultuur met een vreemde van buitenaf. Ook het Stadfriesch is Hollandsch in Frieschen mond en wanneer we ons afvragen, sinds wanneer de factoren van zijn ontstaan aanwezig waren, dan kunnen we, na ons bovenstaand relaas over de schrijftaal, tot geen ander antwoord komen dan: sinds het einde der 15de eeuw.⁵⁸

Foar Kloeke leit de oarsprong fan it Leewarders bij it fernederlânskjen⁵⁹ fan it Frysk; in proses dat oan de ein fan de fyftjinde ieu begûn wie, mar dat “zelfs in onze dagen nog bij lange na niet is voltrokken. Wel is de taal der Friesche steden verhollandscht, maar het Boerenfriesch is nog altijd in hoofdzaak gaaf gebleven.”⁶⁰ It giet bij Kloeke om it hieltiten Nederlânsker wurden fan it Frysk. As djipperlizzende oarsaak fan it ferlerngean fan it Frysk yn de stêd sjocht er, modern sein, de opgeande sosjale mobiliteit:

⁵⁷Kloeke, *Hollandsche expansie*, 1927: 76-80.

⁵⁸Ibidem 81.

⁵⁹Ek yn it sitaat is de taalkundige ynfolling fan de begripen ‘Hollandsch’ en hielendal “‘Saksisch’” ûndúdlik. Omdat Kloeke it wurd ‘Hollandsch’ ek foar de hjoeddeiske standertaal brûkt, set ik dat oer mei ‘Nederlânsk’.

⁶⁰Kloeke, *Hollandsche expansie*, 1927: 77.

Wanneer we thans gaan onderzoeken wat de verliezende partij ertoe beweegt om haar taal prijs te geven, dan is die vraag feitelijk al beantwoord. In hoofdzaak ligt daaraan ten grondslag het streven naar superioriteit. Elk individu met normale vitaliteit wil bij de maatschappelijke groepeerings een hooger tree bereiken en streeft naar volmaking van zijn persoonlijkheid; één van de symptomen daarvan is o.a. ook, dat hij beziel is met een streven om de voor zijn doen beste taal te gebruiken.⁶¹

Fokkema folget in soartgelikense redenearring.⁶² Hij giet foar it Ljouwert fan 1498-1516 út fan in twatallige boppelaach; benammen Frysk mar ek Nederlânsk pratend. Yn dy perioade soe it stedsbestjoer troch kontakten bûten Fryslân en de ynkommen frjemden oerstapt wêze op “vernederlandst Fries”.

De aanzienlijke burgerij die omgang had met de stadhouders en zijn “hof”, met de officieren van de bezetting en de hogere ambtenaren van het gewest, zal zich aangepast hebben aan het Nederlands van deze lieden. Daar velen van hun enige kennis hadden van deze taal, moet hun dat niet te zwaar gevallen zijn.

(...) Uit de kring der aanzienlijke burgers is het Nederlands in “lagere” groepen doorgedrongen. Deze groepen, die niet door studie of handel met vreemden in aanraking kwamen, zullen zich naar de taal van de “hogere” Leeuwarder burgerij hebben gericht. Deze ontfriesing zal langer geduurd hebben dan die van de ambtenaren en van het regeringsmilieu, daar de noodzakelijkheid niet zo sterk drong, omdat de geboren Leeuwarders het Fries heel goed konden verstaan. Het aanleren van het Nederlands ging voor deze mensen ook moeilijker.

Het Fries sprekende element van de bevolking werd voortdurend versterkt door nieuw ingekomen burgers, maar werd desondanks steeds zwakker, doordat van boven af het Nederlands met Fries gemengd doorsijperde en ook de nieuwe burgers deel gingen nemen aan maatschappelijke kringen waaruit 't Fries verdrongen was.⁶³

Ek yn dy redenearring wie it op prestiizje rjuchte wêzen troch de opgeande sosjale mobiliteit de oarsaak fan it fernederlânskjen fan it Frysk. Kloeke en Fokkema litte it Leewarders as in mingtaal fan Nederlânsk en Frysk ûntstean fanwegen in net slagge besykjen om Nederlânsk te learen.⁶⁴ De ferdieling fan de oarspronklike komponinten yn de nij ûntstiene fariëteit bij harren is mij net hielendal dúdlik. Ik ynterpretearje ‘mingtaal’ as in nije fariëteit dêr't beide oarspronklike fariëteiten in min ofte mear gelikens part oan levere hawwe (sj. ek 1.2.1).

⁶¹Ibidem 10.

⁶²Ferlykje Hellinga (*Stadsfries, taalverhoudingen, taalinvloed*, 1940: 30-32 en ibidem, *Bijdragen*, 1968: 470-472).

⁶³Fokkema, *Stadsfries*, 1937: 65-66.

⁶⁴Ferlykje ek Gosses, *Stêdfrysk*, 1929, *Yetris it Stedsk*, 1933 en Gildemacher, *Se wúdden en se súdden*, 1979.

Hellinga giet tsjin de fyzje fan Kloeke en Fokkema yn. Sawol de ûnderstelde mobiliteit as it karakter fan mingtaal noaskje him net:

Intussen zal het feit dat verschillende, misschien zelfs vrij vele Friese stedelingen vòòr 1525 reeds een niet-Friese taal konden spreken, het ontstaan van het latere Stadsfries begunstigd hebben. Na de komst der Bourgondiërs richtte Friesland zich na 1525 al meer en meer *vooral naar het Westen*, zoals Kloeke heeft opgemerkt. Het aantal vreemdelingen in Friesland nam in de loop van de XVIe eeuw toe (...). In Leeuwarden kwamen belangrijke regeringspersonen en andere buitenlanders met wie men veel te maken had. (...) Na 1525 moet de “tweede omgangstaal” door steeds meer Friezen zowel buiten als binnen Friesland (en dan hoofdzakelijk in de steden) veel vaker en spoedig vrijwel regelmatig gesproken zijn door *intensief* contact, terwijl die taal nu in de allereerste plaats *Westelijk* gericht is. Een tweede taal is niet langer een gevarieerde toevalligheid, er komt een constante eenheidstendens en daardoor ontstaat het *Stadsfries*, dat wij nog in vele opzichten terugvinden in de stadsdialecten. Het ontstaan van het Stadsfries zal *in eerste instantie* niet veel tijd genomen hebben. Het Hollands is niet langzaam binnengedrongen (hoe stelt men zich zoo'n proces eigenlijk voor?), noch het Fries langzaam aangepast aan Hollands, maar een tweede omgangstaal is geleerd door hen, die deze nodig hadden.⁶⁵

Hellinga kritisearret Kloeke en Fokkema op it punt fan de achterlizzende motivaasje fan sechtjinde-ieuske Frysktaligen om oer te gean op in oare taal en de wize dêr't dat op gongen wêze soe. It giet neffens Hellinga net yn earste ynstânsje om prestiizje, mar om kommunikaasje mei net-Frysktaligen. Dêrfoar waard yn ien kear oerstapt op de twadde sprektaal.

Der is dan ek net in needsaak om dy oergong op himsels as in slûpend fernederlânskingsproses te sjen, ek al nim ik oan dat der grif wol ynterferinsjes as bijprodukten west hawwe sille. Op it foarste plak falt te tinken oan Frysk substraat op it fonologyske flak, mar ek morfologysk kin it Frysk eleminten oan de stedtaal levere hawwe. Lykas yn 2.1.2 al ûndersteld is, liket it leksikon foar in grut part oan it Nederlânsk besibbe te wêzen. Fan-hûs-út Frysktaligen dy't hjoed de dei Nederlânsk mei in sterk Frysk aksint en frisismen prate, sjogge dat as in oergean op it Nederlânsk en net as it mingjen fan harren Frysk mei Nederlânske foarmen. Der is yn alle gefallen gjin reden om oan te nimmen dat in nije fariëteit mei min ofte mear gelikense oanparten út it Frysk en it Nederlânsk ûntstien is. Binnen dy definysje is der dan ek gjin oanlieding om fan in mingfariëteit te praten.

It is neffens Hellinga net de fernederlânsking fan it Frysk mar de fersprieding fan de troch de boargers oernommen taal yn de stedsmienskip, dy't stadichoan trochsetten hat.

⁶⁵Hellinga, *Stadsfries, taalverhoudingen, taalinvloed*, 1940: 42-43 en idem, *Bijdragen*, 1968: 482-483.

Dat de lagere bevolking in een *kleine* stadsgemeenschap op den duur de taal van de burgers overnam ... spreekt vanzelf. Of zij dan eerst tweetalig werd (bv. Fries: Stadsfries; ...) durf ik zonder meer niet te zeggen, maar ik vermoed dat dit inderdaad het (normale) geval geweest is. (...) maar wie de “kleine luiden” der Friese steden kent, zoals ze zijn en vooral: waren [?, RJJ], zal toch eerder denken aan het leren van een *tweede* taal die men *nodig* had (die men zó dikwijls hoorde, dat men haar ... vanzelfsprekend leerde), dan aan taal-“verbetering”. Maar beide gevallen kunnen door elkaar gelopen hebben. Dat de lagere bevolking later evenals de meeste burgers het Fries heeft opgegeven, schrijf ik daaraan toe, dat in dit geval tweetaligheid een *luxé* was. Het Fries vervulde binnen de steden geen sociaal-economische functie meer.⁶⁶

Ek bij de fierdere fersprieding troch de mienskip yn de santjinde ieu gean ik der dêrom fan út dat it oergean op de westlik oriïntearre Nederlânske boargertaal benammen ynjûn west hawwe sil troch it sykjen fan in flotte kommunikaasje, earder as troch it stribjen nei prestiizje dat yn de skiednis wol hieltiten mear oanwûn (sj. Labov yn 1.1.2). Prestiizje kin neffens mij yn alle gefallen noait allinnich in fiergeande ûntfrysing fan Ljouwert inkeld út de boppelaach wei ferklearje, om't yn de besteande stannemaatskippij sosjale stiging in beheinde ynfloed hân hawwe sil.

Hof bringt wiidweidich in elemint yn de diskusje yn, dat oan dan ta kwalik brûkt wie: de taalkundige ferliking. Hof komt dêrop troch de oerienkomsten fan it Leewarders mei it tsjintwurdige dialekt boppe it Noardsee-kanaal, dêr't ik al guon foarbylden fan neamd haw: ‘seun’, ‘seumer’, ‘sundag’, ‘ien’, ‘twie’, ‘gien’, ensfh. Ek de mulwurdsfoarm komt oerien: (hai) ‘het deen’ (sj. skema 2.1, 2.2 en 2.3).⁶⁷ Yn skema 2.4 wurde dy Leewarder wurden ferlike mei de oannommen Brabânske en Hollânske ekwivalinten út de sechtjinde ieu (sj. skema 2.3). De oerienkomsten tusken dy Hollânske en Leewarder farianten binne sûnder mis grut. Hof syn idee dat it Leewarders oarspronklik itselde west hat as fyftjinde en sechtjinde-ieusk Noardhollânsk sjoch ik as in kânsrike mooglikheid. Dochs moatte wij der wach op wêze dat it bij datsoarte fan ferlikingen giet om taalkundige spekulaasje.

Om ek ferliking mei sechtjinde-ieuske Fryske foarmen mooglik te meitsjen binne de Fryske wjergaders út dyselde ieu yn datselde skema nêst de Nederlânske, Hollânske en Leewarder foarmen setten (sj. skema 2.4).

Fokkema sels erkent mei safolle wurden de oerienkomsten tusken it Noardhollânsk en it Leewarders wol, mar neffens him binne dy oerienkomsten ûntstien, om't sawol yn Noardhollân (= West-Fryslân) as yn Ljouwert it oarspronklike Frysk troch Frankyske ynfloed op deselde wize feroare is. Ut de âlde eleminten fan it Frysk en it Frankysk wurde nije eleminten foarme; in synteze. Fokkema ûndergraaft foar in part syn eigen stelling oer de eksklusiviteit fan Frysk-Frankyske synteze troch der mei rjucht op te wizen dat ûnder oaren de <eu>- en <ie>-farianten yn de sechtjinde ieu, en ek letter noch, yn folle mear gebieten foarkamen.⁶⁸

⁶⁶Idem 1940: 50-51 en idem 1968: 490-491.

⁶⁷Hof, *Stedsk*, 1956: 48-63.

⁶⁸Fokkema, *Hof en ûntstean Ljouwerters*, 1960b: 141 en idem, *Nei wider kimen*, 1969: 315.

Skema 2.4 Kontrastive ferliking fan it Leewarders mei it Brabânsk, it Hollânsk en it Frysk⁶⁹ út de sechtjinde ieu

	Brabânsk (=Nederlânsk)	Hollânsk	Leewarders	Frysk
fonology:	zoon	zeun	seun	soan
	zomer	zeumer	seumer	simmer
	zondag	zundag	sundag	snein
	een	ien	ien	een
(ien?)	twee	twie	twie	
	tween/tweer/twa			
	geen	gien	gien	nin
morfology:	ge-	0-/e-	0-	0-

Ik tink sels dat in hiel soad fan dy farianten frij algemien foar it sprutsen (Hollânske?) Nederlânsk út dy tiid wienen, in omgongstaal dy't ik earder mei algemienere ferkearstaal oantsjuten haw (sj. 2.2.1.1). Mei oare wurden: it leit earder yn 'e reden dat dy farianten net út in synteze fan Frysk en Frankysk ûntstien binne. As dy foarmen nij en eksklusyf west hienen foar beide gebieten, dan hie dat in argumint foar dy synteze wêze kinnen. No't dat net it gefal is, liket mij ta dat Hof syn idee fan it oernimmen fan al besteande net-Fryske wurden (mar dan net allinnich út Noard-Hollân wei) sterker stiet.

In oare krityk fan Fokkema op it Noardhollânsk as boarnetaal fan it Leewarders is, dat it Noardhollânsk op oare punten tige ôfwykt fan it Leewarders. It Leewarders 'orten' kaam bijgelyks net yn it Noarden fan Hollân, mar wol yn Amsterdam foar. Boppedat wienen typysk Noardhollânske eigenaardichheden net yn it Leewarders opnommen.⁷⁰ Ik soe it soarte fan fariëteit dat oernommen wêze soe, yn alle gefallen net beheine wolle ta it Noarderkerter, om't de dialekten yn hiele Hollân op it punt fan de oanhelle foarbylden ticht bijinoar stienen.⁷¹ Ek soe bij it net foarkommen fan beskate karakteristike Hollânske eigenskippen yn it Leewarders en it oare Stedsk yn Fryslân, tocht wurde kinne oan ferkringing troch it algemiene Nederlânsk yn de ieuwen dy't tusken it oernimmen fan it Hollânsk en it opskriuwen fan it âldste Leewarders sitte. Yn de stedtalen fan Fryslân kin in beskate oanpassing west hawwe oan de hegere sprektaal dy't al te spesifike eigenaardichheden út Hollân útskifte hat, foarsafier't dy al net út de algemienere ferkearstaal ferdwûn wienen.⁷² Utspraken oer sawol de oarspronklike taalkundige gearstalling fan de

⁶⁹Bogerman, *Friesche Rijmspreuken*, 1542, yn De Boer 1900.

⁷⁰Fokkema, *Hof en ûntstean Ljouwerters*, 1960b: 141 en idem, *Nei wider kimen*, 1969: 315.

⁷¹Sjoch ek Heeroma, *Hollandse dialektstudies*, 1935.

⁷²Yn de tekst fan Jeltema is noch sprake fan de foarm 'stik' dy't yn lettere Leewarders teksten net mear oantroffen is. Myn yndruk is dat yn in Hollânsk plattelânsdialekt as it Biltsk mear dialektyske farianten foarkomme dy't ôfwike fan it Nederlânsk as yn it Stedsk, lykas bijgelyks 'nach' foar 'noch' (Buwalda, *Weagen*, 1945: 9).

oernommen ferkearstaal mei Frysk substraat as de lettere mooglike feroaringen binne lykwols sterk spekulatyf fan aard. Ik sil my mar hâlde oan eleminten dy't al oerlevere binne. Dy jouwe bij it geögrafysk teplak bringen al genôch swierrichheden.

Op grûn fan de histoaryske ynliding en de foargeande diskusje kom ik ta de folgjende konklúzjes. De foarming fan in nije taal yn it sechtjinde-ieuske Ljouwert dy't karakterisearre wurdt as in (syntetyske) mingfariëteit, lykas Fokkema dat ha wol, wiis ik ôf. Sa'n mingfariëteit soe op it autochtoane Frysk basearre wêze dat sterk beynfloede is troch de ynfierde Nederlânske amtnerstaal. Ik bin lykwols fan betinken dat it taalkundich komôf fan it Leewarders yn earste oplach socht wurde moat yn it oernimmen fan in Hollânsk kleure ferkearstaal troch in autochtoane befolking dy't op net-Fryske kontakten rjuchte wie. Mei it oerstappen op de net-Fryske omgongsta(a)l(en) - earst mei koadewiksel, letter permanint - paste dy befolking him oan bij allochtoanen dy't har yn de sechtjinde (en lettere ieuwen) ek fêst nei wenjen setten yn Ljouwert (en yn oare gruttere Fryske stêden en Kollum). It begjin fan de ûntfrysking fan Ljouwert is net yn de foarm fan in oanpassing binnen it Frysk gongen, mar troch it oerstappen fan de hegere lagen op in net-Fryske taal.

Foar it ûnderbouwen fan myn betinken dat it Hollânsk of in dêrmei besibbe ferkearstaal de basis foar de nije stedtaal wie, haw ik trije punten oanhelle: 1) It neamen fan de Hollânske hannel en de Hollânske omgongstaal troch Conradus Gesnerus; 2) de hannelskontakten mei ûnder oaren Hollân en fêstigers út dat gebiet; 3) de taalkundige oerienkomsten tusken Hollânske dialekten en it Stedsk fan Ljouwert en de oare Fryske stêden (dêr't gjin hegere Brabanners wenne hawwe). De wierskynlikheid dat de oanlearde taal in Frysk substraat hie, makket dy fariëteit net ta in Frysken-ien; it Leewarders is in Nederlânske fariëteit. Op grûn dêrfan kin it Leewarders - en it oare Stedsk yn Fryslân - in Nederlânsk dialekt neamd wurde.

2.2.2.2 De konseptualisearring fan it Leewarders

Hjirfoar is al konstataarre dat der gjin spesifike beneaming foar de sechtjinde-ieuske net-Fryske fariëteit fan Ljouwert fûn is, dy't wij no as Leewarders kenne. De âldste beneamingen fan Conradus Gesnerus út 1555 ferwize nei in spesifyk gebiet fan komôf fan de ynfierde taal - Brabânsk of Hollânsk -, bij de op ien nei âldste fan Suffridus Petrus út 1593 giet it om in algemiene namme - Nederlânsk. It Hollânsk foarme tegearre mei it Brabânsk in Nederlânske stedtaal dêr't de twa foarmjende komponinten yn oplost. Dat Nederlânsk mei Frysk substraat waard eigen oan Ljouwert. De konseptuële ûnderskieding yn Brabânsk - as it sosjaal relatyf hegere ûnderdiel - en Hollânsk - as it sosjaal relatyf legere ûnderdiel - liket mei de groei fan in nije sitewaasje foar de minsken fan dy tiid net in grutte rol spile te hawwen. Bij de behandeling fan mar in pear foarbylden út it Brabânsk en it Hollânsk (sj. 2.2.2.1.1) is

oannommen, dat der fanwegen it spekulative karakter tige slim op taalkundige grûnen in ôfbeakening te meitsjen wie. De groepen yn de sechtjinde ieu sille nei alle gedachten benammen op grûn fan regionaal (en sosjaal) komôf beneamd wêze. De groep fan de amtners fan heech komôf en de minsken dêr omhinne sil werom te kennen west hawwe oan syn súdlike fariëteit. Dêrûnder sille de oare groepen mei it Hollânsk (mei mear net-skriuwtaalfoarmen) har beweegd hawwe dy't nei alle gedachten mear yn kontakt stienen mei de Fryskpratende groepen út de steds- en plattelânsbefolking. Nei't de Brabânske amtners ferdwûnen (faaks al oan de ein fan de regearperioade fan Karel V, mar yn alle gefallen nei it oansluten fan Fryslân bij de Opstân⁷³) en troch Friezen opfolge waarden, sil de diminsje fan it gebiet fan komôf ferfallen wêze. Oan te nimmen falt lykwols dat ek dy hege autochtoane groep rjuchte wie op it - mei ûnder ynfloed fan it Brabânsk foarme - algemiener Nederlânsk yn wurding.⁷⁴

Mei it sketsen fan de sechtjinde-ieuske taalsitewaasje yn Ljouwert haw ik tendinzen oanjaan wollen, want men kin fan tinken wol hawwe dat de doetiidske taalsitewaasje, doe't de stêd in grutte groei meimakke, net botte statysk wie. Hellinga joech dat al foar Amsterdam oan. De konsekwinsje fan dy fyzje kin wêze dat oannommen wurde moat dat der oan de ein fan de sechtjinde ieu gjin kategoriale ferskillen tusken ferskillende fariëteiten yn de stedstaal bestien hawwe, mar earder floeiende, probabilistyske oergongen (sj. 1.2.2.1). Sa tink ik ek dat yn it groeiende Ljouwert it eardere ûnderskied dat Conradus Gesnerus neamde neffens gebiet fan komôf binnen de stedtaal fuortfallen wie.⁷⁵ Der wie om 1600 hinne in net-Fryske taalfariëteit ûntstien dy't mei Nederlânsk (=“Gemeenlandsch” of “Nederduytisch”) of stedtaal oantsjuten waard. Fan dy fariëteit nim ik oan dat it bestie út in taalkundich kontinuüm mei (hegere) skriuwtaalfoarmen en (legere) net yn de skriuwtaal foarkommende foarmen. Der wie in fariëteit ûntstien dy't net allinnich dialektyske en Nederlânske eleminten, mar ek Frysk substraat en Fryske ynterferinsjes yn him hie. Suffridus Petrus syn opmerking oer de stedtalen yn Fryslân, dy't er algemien Nederlânsk neamde (sj. 2.2.2.1.1), wiist op ferskillen binnen dy fariëteit: it Nederlânsk yn Ljouwert is suverder as earne oars yn Fryslân. De fariaasje waard binnen it konsept fan it Nederlânsk besjoen en der waard gjin konseptuële ûnderskieding yn Leewarders en Nederlânsk makke.

De ûntstiene tastân yn Fryslân liket mei it each op it (foar in part) ûntfryske Ljouwert rûchwei mei dy yn Hollân en oare lannen yn West-Europa te ferlykjen, dêr't ek in ûnderskied tusken sted- en lântalen makke waard (sj. Montanus en Zesen yn 1.2.2.1). Earst út de tiid om 1700 hinne binne wer in pear oanwizingen oer de taalsitewaasje yn de Fryske stêden oerlevere. Hilarides joech yn 1715 de folgjende omskriuwing:

⁷³Vries, *Kânselarijpersoneel*, 1988: 71-72.

⁷⁴Sjoch ek Hellinga, *Opbouw*, 1938b en idem, *Bijdragen*, 1968: 345-360 en Peeters, *Standaardisering*, 1983: 116-122 en idem, *Taalopbouw*, 1989: 119-124.

⁷⁵Sjoch foar in te ferlykjen beskriuwing fan de taalsitewaasje yn Amsterdam Hellinga, *Opbouw*, 1938b en idem, *Bijdragen*, 1968: 283-284.

Der binne hjoed de dei yn Fryslân twa talen, de iene in fornijde (lyk as yn hiel ‘Belgium’), oeral yn ‘e stêdden,⁷⁶ hôven, tsjerken, skoallen en alle iepenbiere hanlingen yn gebrûk, de oare fan ealer tongslach, dy’t oeral noch altiten by de eallju en Fryske lâneigeners yn wearde hâlden wurdt. Hwant de eallju wenje op it plattelân en hawwe dêr har bisittingen dy’t dêrre de tael brûke dy’t eigen is oan de boeren. Dêrom wurdt de Fryske tael [= taal yn Fryslân, RJJ] ûnderskaet yn de stêdtael ‘de Stadtaal’) en de tael fan lân en boer ‘de Landtaal’.⁷⁷

Gabbema ferwiisde yn it foaropwurd bij Gysbert Japicx syn *Friesche rymlerye* (1681) ek al nei “den Aadel, en Huysmanne-stand (...) te landewaart” dy’t de “âal-ouwe moederspraak” noch prate.⁷⁸

Ein santjinde ieu hie Hilarides yn syn *Naamspooringen van het platte Friesk*⁷⁹ net allinnich taalkundich ferskil oanjûn tusken lântaal (“platte Friesk”) en stedtaal, mar ek tusken de stedtaal yn Fryslân (“Stadfries”) en it algemien Nederlânsk (“gemeen Neerduits”). De foarm “butter” fan de stedtaal ûnderskate him fan it Fryske “buuter” en fan it Nederlânske “booter”.⁸⁰ Utgeande fan it Lânfrysk, waarden der farianten yn de taal fan de stêd oanhelle, bijgelyks ûnder it lemma “Besucht”: “In de steeden, zeggen wy het woord, wat verminckt, besukt; en ook besucht,” om dan fierder te gean mei: “en besucht in de straat-taal.”⁸¹ Ek al makke Hilarides troch it brûken fan it wurd “straattaal” in sosjale ûnderskieding yn heger en leger binnen de stedtaal (dat Ten Kate ek yn Hollân die, sj. 1.2.2.2), de namme “Stadfries” liket wol it hiele kontinuüm oan te tsjutten. It doel wie om de yn de stêd sprutsen taal (“In de steeden, zeggen wy”) ôf te setten tsjin dy op it plattelân. De tsjinstelling tusken sted- en lântaal wie doe sa te sjen noch de wichtichste diminsje. Der wie noch gjin oanlieding om in dúdlik konseptuël ûnderskied foar it ‘Leewarders’ mei in selsstannige identiteit binnen de stedtaal sels te meitsjen.

⁷⁶Oebele Vries die mij in opmerking fan Montanus Hettema út de earste helte fan de njoggentjinde ieu oan de hân. Dêrút kin opmakke wurde dat de grutte stêden - Ljouwert ynbegrepen - al oan de ein fan de achttjinde ieu ûntfryske wienen. De lytseren soenen dat neffens Hettema yn de tiid dat er dizze opmerking delskreau noch ûndergean moatte: “Wel is waar sprak men het Friesch nog in de vorige eeuw in de kleinere steden, doch dit gaat meer en meer af, en het is te vreezen, dat men die taal dáár geheel zal verbannen.” (Hettema, *Beknopte opgave handschriften*, 1837: 271.) Sjoch ek Halbertsma (*Stúke*, 1840(?): 44-45) dy’t Ljouwert, Boalsert en Snits yn de earste helte njoggentjinde ieu as ûntfryske sjocht, mar Frjentsjer net.

⁷⁷“Sciendum geminum in *Frisia* hodie obtinere sermonem, *alterum* innovatum (qualis per totum Belgium) qui obtinet passim in urbibus, curiis, templis, scholis omnibus-que Actibus publicis, *alterum* nobiliori Dialecto quae vulgo etiam apud nobiles et rurales fundi Frisici possessores in pretio habetur. Nobiles enim ruri degunt, ibique suas facultates habent et possessiones qui ibi ruralibus peculiari per totam regionem utuntur sermone. Unde sermo Frisicus distinguitur in sermonem *urbanum de Stadtaal* et sermonem *regionis* simul et *ruris de Landtaal*.” (Joannes Chamberlaynius, *Oratio dominica*, 1715, praefatio David Wilkins, fxxxxxx3r yn *Estrikken XX* 1957: 112, oersetting fan Brouwer, *Alderhillichst gebet*, 1964: 78.)

⁷⁸Gabbema, *Tael- en spraak-friesch-kundige leezzer*, 1681: f. xx2v-3r.

⁷⁹Hilarides (ein 17de ieu) yn *Estrikken XXXVII* 1965.

⁸⁰*Naamspooringen*: 49.

⁸¹Ibidem 41. ‘Besucht’ en ‘besucht’ komme ek foar yn it Hollânsk fan Bredero (*Woordenboek der Nederlandsche Taal*: kolom 2193 en 2501).

In oanwizing foar de konklúzje dat de stedtaal konseptuëel noch net yn twaen opdield waard, is it ûnderinoar omwikseljen fan de beneaming stedtaal en Nederlânsk. Hilarides ferdigene (ek wat propagandistysk lykwols) nammentlik yn de *Nieuwe taalgronden der Neederdujtsche taal*⁸² it Nederlânsk fan Fryslân - dat likernôch oerienkomt mei de stedtaal yn Fryslân - as “Neederdujtsche taal: welke hier, van 't Brabantsche hoff, door Kaarel de 5. op het raadhoff en rechtbanck, is ingevoerd: en niet ujt Holland gekoomen”. Hij pleite foar regionaal kleure soarten “Neerlantsch”. As foarbyld neamde er it achttjinde-ieuske Nederlânske wurd “paard” dat foar in Gelderskman “paerd” en foar in Fries “peerd” wie.⁸³

It is lykwols de fraach hoe algemien at de sosjale stipe foar regionaal ferskaat binnen it Nederlânsk wie yn Fryslân. De reäksje fan guon tiidgenoaten yn Fryslân op guon Fryske eleminten jout oan dat der yn alle gefallen ek in tendins bestien hawwe moat om ôfstân te nimmen fan it Fryske Nederlânsk. Dat wiist op in stribjen nei in algemien Nederlânsk basearre op it Nederlânsk út Hollân, in stribjen dat Hilarides tsjingeane woe.⁸⁴ It yngeander taalkundich bouwen oan in algemien Nederlânsk - d.w.s it fierder oanheljen fan de noarm foar sa'n algemiene beskaafde sprektal - soe tagelyk wize op in grutter ûnderskied mei it taalgebrûk dat bûten dy noarm foel. De omstannichheden dêr't in konsept as ‘Leewarders’, ‘Snekers’, ‘Bolserters’, ensfh. yn foarme wurde koe, wienen oan it ûntstean.

Hellinga set it fraachstik oer de foarming fan de twadieling yn de stedtaal yn in algemiener ramt, om't it bestean fan de stedtaal yn Ljouwert en oare Fryske stêden net unyk wie. Ek Hollânske stêden hienen yn de santjinde ieu in eigen hegere stedtaal, dy't rjuchte wie op de skreaune kultuertaal. De ûntjouwing yn de Fryske stêden rûn lykop mei de ûntjouwing yn de Hollânske stêden. Neffens Hellinga ferhold de stedtaal yn Fryslân him ta it Frysk as de taal fan de ûntwikkele Amsterdamske boargers ta de taal fan it sljuchtweihinne folk.⁸⁵ Dêr heakje ik foar de folsleinens oan ta, dat in part fan it sljuchtweihinne folk yn de Fryske stêden in plat soarte fan stedtaal prate (“straattaal”, sj. hjirfoar).

⁸²Hilarides 1705, idem, *Estrikken* XXXVIII 1966 dl II: 57-63.

⁸³Hilarides, *Nieuwe taalgronden*, 1705: 19-24, sitaten ek yn *Estrikken* XXXVII 1966 dl II: 60 en 34. It Nederlânsk stal jûn yn allerhanne regionale fariëteiten neamt Hilarides, yn 'e foarrede fan de Phaedrus-oersetting (1695: 33-34, sjoch ek Hellinga, *Hy zwerve balling 's lands* 1938a: 74 en idem *Bijdragen*, 1968: 387), “onze moedertaale”.

⁸⁴Fanwegen de “aangewreevene wanschiklikheit” fan ‘heite’ (*Naamsporingen*: 105-106 yn *Estrikken* XXXVII 1965 dl I) geane in soad Friezen oer op ‘vaader’ en ‘papaa’. It Frysk en guon Fryske eleminten yn de stedtaal fan Fryslân steane sa't it liket maatskiplik net heech oanskreaun. Hellinga liedt út it ferset bij *guons* ôf dat it Hollânsk-Nederlânsk bij *gâns oaren* bûten Hollân (“in de provincie”) wol sukses hat (*Opbouw*, 1938b en *Bijdragen*, 1968: 199).

⁸⁵Hellinga, *Stadfries en ontstaan bijzondere stadsdialecten*, 1943: 35 en idem, *Bijdragen*, 1968: 535.

Yn it santjinde- en achttjinde-ieuske Nederlân waarden op in sosjaal heech nivo yn de stêden en op it plattelân beskaafde stedtalen praten. Mei-inoar foarmen dy in samling sprektalen dy't mei Nederlânsk oantsjuten wurde koe. Der is in tendins oan te wizen om guon net-skreaune farianten út de stedtaal falle te litten en te ferfangen troch algemien Nederlânske skriuwtaalfarianten (bgl. <seun> troch <zoon> en <gien> troch <geen>, sj. Van den Berg yn 2.2.2.1.1). Dochs waard de eigen, beskaafde, stedtaal net folslein oerjûn. Der wie in ferbining tusken beide soarten fan fariëteiten, de stedtaal en Nederlânsk. Dat sil der nei alle gedachten oan meiholpen hawwe dat ek it platte soarte fan de stedtaal bij it Nederlânsk rekkene wurde koe; de taalkundige ferskillen tusken beskaafde en platte stedtaal wienen (foar it grutste part) net kategoriaal. Der moat foar de lântaal Hollânsk (sj. 1.2.2.1, it plattelânsdialekt) yn Hollân in grutter ferskil bestien hawwe mei it Nederlânsk sa't dat yn de beskaafde stammen praten waard, al sil dat ferskil net kategoriaal wêze.

Van der Wal komt op grûn fan in ferliking fan it taalgebrûk fan stedsjers en boeren yn twa kluchten fan Samuel Coster ta de konklúzje dat it soarte fan dialektfoarmen bij beide groepen net ferskilt (bgl. <eu> foar <ee>, <ie> foar <ee> en <sel> foar <sal>), mar dat de frekwinsje fan ûnbeskaafde foarmen bij de boeren heech wie.⁸⁶ Ek al bestie der gjin absolute taalkundige tsjinstelling tusken (it hegere part fan) de stedtaal en lântaal dochs krige de lêstneamde fariëteit wol in eigen identiteit foar it beskaafd Stedsk oer takend. De dialektysk kleure beskaafde omgongstalen waarden hast net skreaun. De lântaal (sj. Coster), it op de lântaal lykjende Ald-Amsterdams - as kluchtetaal -, wol (sj. 2.2.2.1.1). Yn Fryslân ferskilt de lântaal sa't it liket wol kategoriaal fan de stedtaal. Gysbert Japicx dy't it Frysk net as kluchtetaal mar as selsstannich literêr medium brûkte, is in hiel spesjaal gefal yn dizze kontekst.

Yn de twadde helte fan de achttjinde ieu kin men ferwizingen nei in twadieling fan de taal yn Fryslân fine. Columba skreau bijgelyks yn 1766 oer de "Boer-Friesche Taal" nei oanlieding fan Johannes Althuisen syn Fryske psalmberimings:

Deze taal wordt in gansch Friesland by de Landlieden gesproken. En, wie hen niet verstaat, dien konnenze 't doorgaans ook op zyn Stadsch, naar hunne uitdrukking, beduiden. Dus heeft Friesland twederleye talen; want het Nederlandsch (of Stadtsch) en het Boer-Friesch verschillen zeer veel. (...).⁸⁷

In faktor foar de fersterking fan de stedtaal wie, neffens Hellinga, dat de stedstútwreiding fan Ljouwert fan mids santjinde ieu oant sa'n 1870 hast stil kaam te lizzen. De stedsmienskip hat troch it foar lange tiid ûntbrekken fan in grutte druk fan bûten ôf in konservearjende útwurking op it Stedsk hân, om't de ûntwikkele boargers troch dy sitewaasje net twongen wienen om ôfstân fan it Stedsk te dwaan.⁸⁸

⁸⁶Van der Wal, *Geschiedenis*, 1992: 229.

⁸⁷Columba, *Naamlyst predikanten*, 1766: 115-117.

⁸⁸Hellinga, *Stadsfries, taalverhoudingen, taalinvloed*, 1940: 26 en idem, *Bijdragen*, 1968: 466.

De sosjaal-kulturele sitewaasje soe, út de tweintichste ieu wei besjoen, lykwols yn de rin fan de achttjinde ieu stadichoan feroarje.

Ook de houding van de burgers in de kleine steden wijzigde zich in de loop der tijden. Tegen het einde der XVIIIe eeuw krijgt hun “zelfstandigheidsgevoel” een ander aspect; het opkomende liberalisme, de opvattingen in de kringen van het Nut, hebben er waarschijnlijk zeer toe bijgedragen om de weg te banen voor het Algemeen Beschaafd. (...) Maar vòòr dien moeten wij rekening houden met *gewenste* afstand tusschen het Beschaafd van verschillende provincieplaatsen en dat van de grote steden in Holland.⁸⁹

Mei it opkommend liberalisme, dat neffens Hellinga it paad sljuchte foar it Algemien Beskaafd Nederlânsk, en it yn de histoaryske ynliding yn 1.2.2.3 neamde sivilisaasjeproses ûntstienen de maatskiplike omstannichheden om de algemienere en hegere taal fan de spesifikere en legere taal ôf te skieden. Yn dat ljocht besjoen is it ek gjin niget dat yn Ljouwert earst yn de achttjinde ieu in spesifike namme jûn waard oan de fariëteit dy't doe spesifyk ûnderskaat waard fan de troch beskaafden neistribbe taal. De earste dy't nei in min ofte mear selsstannige identiteit fan it Leewarders ferwiisde, is de al earder neamde Jeltema yn it “voorbericht” bij *Het vermaak der slagterij* út 1768:

Indien dit Tractaatje mogt koomen te vallen in handen van menschen, die onkundig zijn in de taale welke de Inwooners van Frieslands Hoofdstad, (zonder zich het sierlijke der spraake te bekreunen,) door de wandeling gewoon zijn te spreken; een taal, hen alleen eigen, en die daarom met recht de *Leeuwarder taal* genoemd kan worden; zoo dient tot naricht der eersten, dat 'er zommige woorden zijn, die men niet zuiver kan spellen, zodanig als ze door het gemeene volk (*) deezer Stad worden uitgesproken. (...)

(*)Gemeene volk; want beschaafde Burgers en wel inzonderheid Lieden van rang, spreken hier het Nederduitsch zoo goed als in eenige andere Provincie; zelfs beter.⁹⁰

De taal fan Ljouwert waard troch Jeltema konseptuëel as spesifyk foar de Ljouwerters tsjin it Nederlânsk ôfsetten: “een taal, hen alleen eigen”. It spesifike siet him foar in part yn guon lûden en/of wurden sa't dy troch it “gemeene volk” útsprutsen waarden.⁹¹ Hij wie lykwols noch foarsichtich mei it beneamen derfan, want dy taal *koe* mei rjucht “Leeuwarder taal” neamd wurde. Hij sei net dat it wênst wie. It kin as de earste hiele iere boade sjoen wurde fan it Leewarders as stedsdialekt. Hoe broazelich at dy takenning wie, kin ôflaat wurde út de taheakke opmerking oer it goede Nederdútske taalgebrûk fan de Ljouwerter hegerein; de “Leeuwarder taal” soe sa besjoen dus net goed

⁸⁹Hellinga, *Stadsfries, taalverhoudingen, taalinvloed*, 1940: 147 en idem, *Bijdragen*, 1968: 515.

⁹⁰Jeltema, *Vermaak*, 1768: (2) [ek yn *Estrikken* XXII 1961: 72].

⁹¹Op de titelside fan *Het vermaak* stiet “geschreeven in eene platte Leeuwarder taal” (Jeltema 1768). Ek in rimelstik fan syn hân wurdt ynlaat mei de wurden “in Leeuwarder straattaal” (Burger, *Avondrood*, 1944a: 31). Ferlykje Van der Meulen (*Oudste bron Stadfriesch*, 1937: 99-100) dy't it Leewarders fan Jeltema ek mei in sosjaal leger prestizje ferbynt.

Nederdútsk wêze. Dêrmei waard it wer ûnder de algemiene taal beflapt as breklik Nederlânsk. De “creation” (sj. Lloyd yn 1.1.2) fan it begryp Leewarders as stedsdialekt is om samar te sizzen ûnderweis. It konsept wie takend, mar dat ûnderskiedende begryp sil nei alle gedachten noch net bij alle leden fan de stedsmienskip hiem wêze. Nei ferrin fan tiid moat it idee fan it bestean fan in spesifyk stedsdialekt foar in algemien Nederlânsk oer him yn it tinken fan de Ljouwerters fêstsetten hawwe. It antwurd op de fraach oft *Het Vermaak* de earste tekst yn it ‘Leewarders’ neamd wurde kin, hinget dus ôf fan it gewicht dat oan Jeltema syn foarsichtige beneaming jûn wurde kin. It feit dat er mei sin in ferhaal yn “de Leeuwarder taal” skreau, pleitet der foar om de fariëteit as it spesifike stedsdialekt ‘Leewarders’ te sjen.⁹² En as der nei de fonologyske, morfologyske en leksikologyske eleminten sjoen wurdt, is der neat op tsjin om it *Vermaak* ‘Leewarders’ te neamen (sj. 2.1.2).

Sagau't it begryp Leewarders as in selsstannige fariëteit foar it Nederlânsk oer him yn de maatskippij fersprate, hie dat te krijen mei in relatyf legere posysje dy't ûntstien wie troch in sosjaal dúdliker profilearring fan it Nederlânsk. Hellinga neamt de tiid om 1800 hinne it kearpunt. Doe begûn de ienheidstendins binnen it Nederlânsk noch grutter te wurden. It soe no as ien taal en as drager fan it mienskiplik Nederlânske folks- en kultuerbesef oanfield wurde. Dêrmei waarden de oare regionale fariëteiten ta dialekten, nêst en meastentiids ûnder it Nederlânsk.⁹³

2.2.2.3 De oanset ta de sosjolektisearring fan it Leewarders

Wassenbergh pleite lykwols noch yn it begjin fan de njoggentjinde ieu foar it Stedsk as in regionale fariëteit en ûnderdiel fan it Nederlânsk. Syn yndieling as stedtaal is tsjinsteld oan dy fan Jeltema as stedsdialekt. Wassenbergh sette in Fryske fariant fan it Nederlânsk foar de Hollânske oer: “(...) zo bestaat het Nederduitsch niet enkel in den *heerschenden Hollandschen* Tongval. Neen! Onmeetelijker is de uitsteekende Rijkdom onzer Moederspraake.”⁹⁴ Hij woe dan ek mei syn *Idioticon Frisicum* (1802) in bijdrage leverje oan in wurdboek fan de *Nederlânske* taal. Yn it *Idioticon* binne dy wurden opnommen “welke in Friesland in de Steden, of ook wel ten platten Lande, gebruikelijk zijn bij Luiden *niet* behoorende tot den Boerenstand, welke daarom de oude Friesche Landtaale voor zich niet gebruiken, of zelfs daar van onkundig zijn”.⁹⁵

⁹²Sjoch ek Jonkman, *Wat seit in namme?*, 1993.

⁹³Hellinga, *Stadsfries, taalverhoudingen, taalinvloed*, 1940: 150 en idem, *Bijdragen*, 1968: 518.

⁹⁴Wassenbergh, *Idioticon*, 1802: 1.

⁹⁵Ibidem 4.

Ferlykje ek de titel fan in prospektus út 1831 fan it *Woordenboek van Friesche Idiotismen of woorden en spreekwijzen, welke in de friesche steden gebruikelijk zijn (...)*.⁹⁶ Alle opnommen idiotismen sille it skaaimerke hawwe fan “niet algemeen Nederlandsch, maar algemeen oorspronkelijk Friesch”. Foar beskate bysûndere wurden wurdt yn dat prospektus fierders opmurken dat se “in de *Friesche* steden uit de provincietaal zijn overgebleven of later ingevoerd door Friezen die schoon *niet* tot den boerenstand behoorende, echter veel op het platte land verkeerden, waar dezelve nog algemeen gebezigt worden”.⁹⁷ Feitsma ûnderstelt dat it neamde stânsûnderskied foar it plattelân (net de boerestân, d.w.s de notabelen op it doarp) ek wol - stilswijend - op dat ûnderskied yn de stêden fan tapassing wêze sil: allinnich it beskaafde spraakgebrûk soe opnommen wêze.⁹⁸ Ik soe dy ûnderstelling justjes oars omskriuwe wolle: de opnommen foarmen binne *ek* bij de heechste laach yn de stêd yn gebrûk en hawwe sadwaande net in leger sosjaal prestiizje.

Dúdlike foarbylden fan de stedtaal yn it *Idioticon Frisicum* binne net allinnich losse wurden as “butter”, “sundag” en “toon” (tean), mar ek de tiidwurdsfoarmen: “Wie het jimme dat seid?”.⁹⁹ Foar Wassenbergh hoegde de fariëteit dy't dy eleminten yn him hie noch net mei Leewarders (of Bolserters, Snekers, ensfh.) oantsjuten te wurden, mar koe noch skoan foar (ien fan de foarmen fan) Nederlânsk trochgean.¹⁰⁰

Wassenbergh en Ypey wienen net de lêsten dy't de Fryske stedtaal en it Hollânske Nederlânsk ûnder deselde namme fan Nederlânsk beflappe woenen. Yn 1840 waard der neffens Eekhoff yn de measte Fryske stêden goed “Nederduitsch gesproken met een Vrieschen tongval en met behoud van vele woorden, welke echt Nederduitsch, doch bij Hollanders thans verouderd en buiten gebruik zijn.”¹⁰¹ De stedtaal wie dus neffens Eekhoff syn yndieling Nederlânsk

⁹⁶Suringar, *Prospectus*, 1831:1.

⁹⁷Ibidem 3

⁹⁸Feitsma, *Volkstaal en Schrijftaal*, 1978: 29.

⁹⁹Respektivelik ibidem 1802: 23, 102, 108 en (ûnder IIMME) 46.

¹⁰⁰Foar de fyzje dat noch gjin dúdlik ûnderskied makke wurdt tusken de stedtaal mei Leewarder eleminten en Nederlânsk, pleitet ek in troch Philippus Breuker oanhelle sitaat yn ‘Fynsten en fragen’ fan *Ut de Smidte* - (3/89: 45) oer it gebrûk as sadanich yn it earste fearnpart fan de njoggentjinde ieu: “Rec. herinnert zich, vóór eenige jaren waaregens de aanmerking gelezen te hebben, dat het Boerenfriesch steeds meer van zijn grondgebied verliest. Dit moge degenen, die de landtaal niet verstaan, bij het doorreizen of bij een kort verblijf zoo toeschijnen, omdat men gewoonlijk zich schikt naar den vreemdeling, en om zijnentwille het zoogenaamd Stadfriesch spreekt, de Friesche landlieden blijven, over het algemeen, gehecht aan hunne taal.” (oarspronklik yn *Vaderlandsche Letteroefeningen* I 1829: 325) It oerstappen fan de Frysktaligen op in fariëteit dy't “Stadfriesch” wurdt sa't it liket as in oanpassing yn taalgedrach bij it Nederlânsk sjoen.

¹⁰¹Eekhoff, *Aardrijkskundige beschrijving*, 1840: 40-41. Op it gemeente-argyf fan Ljouwert wurde ek oantekeningen fan Eekhoff fan 1825 en letter bewarre mei de titel *Bijdragen tot de kennis, vergelijking en waardering van het Stad-Friesche en inzonderheid Leeuwarder dialect, vooral met betrekking tot de Oud-Nederlandsche Taal*. Hij hellet dêryn Hollânske dialektwurden as ‘veul’, ‘vleis’, ‘sel’, ‘lienen’, ‘docht’, ensafh. bij Hooft, Spieghele en oaren oan dy't mei wurden yn it doetiidske Leewarders oerienkomme. (Argyf Eekhoff, ynventarisnummer 7810 (TAAL yn

mei in Fryske kleuring en âld-Nederlânske wurden.¹⁰² Dy fariëteit wurdt hjir net mei 'Leewarders' betitele.

Fjouwer jier dêrfoar skreau Eekhoff oars yn in besprek fan Eeltsje Halbertsma syn *De Treemter* wol fan "het niet onbelangrijke Leeuwarder dialect, hetwelk hier [bij Halbertsma] anders, (...), zeer ongunstig voorkomt".¹⁰³ Ut syn wurden soe men ôfliede kinne dat it Leewarders - yn alle gefallen bij him - ek wol geunstich oankaam. Eekhoff syn opmerking soe bij dy lêzing noch hieltiten net op in dúdlike sosjale brek tsjutte, ek al waard it Leewarders doe as in spesifike entiteit oanjûn. De opdieling yn algemiene taal en dialekt is noch net folslein (sj. ek Roorda yn 1.2.2.3).

De sosjale brek komt dúdliker foar it ljocht yn de twadde helte fan de njoggentjinde ieu doe't Ljouwert maatskiplik sa njonkenlytsen mei begûn te dwaan oan it modernisearingsproses en yn in frij heech tempo fierder ferstedeske. It Leewarders "dat met etlijke Friesche woorden, zinwendingen, enz. is vermengd", waard as in dialekt fan it Nederlânsk besjoen en "veelal Stad-Friesch genoemd, (...)," lykas Winkler dat beskreau yn 1867.¹⁰⁴ Syn beskriuwing jout in aardich ynsjoch yn de sosjale posysje fan de no net allinnich mear taalkundich, mar ek dúdlik konseptuêel ûnderskate net-Fryske fariëteit yn Ljouwert.

Natuurlijker wijze hebben de lieden uit de hoogere standen eene meer beschaafde en gekuischte uitspraak, en zijn vele woorden en uitdrukkingen die door den minderen man nog dagelijks worden gebezigd, bij hen geheel buiten gebruik geraakt. Velen zelfs doen moeite om zich het Leeuwarder dialect geheel af te wennen en zoo veel mogelijk Hollandsch te spreken; dit gelukt echter in den regel slecht; want, ook wanneer zulke menschen in het openbaar zich laten hooren en zich zelven dan diets maken, dat zij zuiver Hollandsch spreken, herkent men den Fries terstond aan de uitspraak van vele letters en klanken. (...)

G70.) Ferlykje ek Suringar oer de Stedske idiotismen dy't wichtich binne "omdat, dewijl het oorspronkelijk Nederlandsch *dialekt* in de *Friesche steden* het allerlangst onvervalscht is gebleven en nog is, hierdoor elders sedert lang verouderde of in onbruik geraakte, woorden en spreekwijzen het best verstaan en hun echte, oorspronkelijke beteekenissen juister verklaard kunnen worden". (Suringar, *Prospectus*, 1831: 2-3.)

¹⁰²Troch Rolf van der Woude waard ik wiisd op in ôfskriuwer út 1846 foar juffer J.D. Kuitert út Ljouwert foar in funksje fan skoaljuffrou oan in bewaarskoalle yn Den Haach. Op hast alle punten wie se superieur oan de oare kandidaten, mar se koe it net wurde fanwegen "haar eigenaardig dialect". Om't se hikke en tein wie yn Ljouwert mei men oannimme dat mei dat dialekt it Leewarders bedoeld waard. Yn Ljouwert hie se deselde funksje en dêr wie dat gjin beswier. De oanrikkemandaasje dy't se krige fan de notabelen fan de ôfdieling bewaarskoalle fan de Maatschappij tot Nut van 't Algemeen yn Ljouwert wiist der nei alle gedachten op dat har taalgebrûk yn Ljouwert oars yndield is. (Gemeente-argyf Ljouwert. Argyf 'Maatschappij tot Nut van 't Algemeen', ynventarisnûmer 297.)

¹⁰³Yn de *Leeuwarder Courant* 5-7-1836, oanhelle yn 'Fynsten en fragen' fan *Ut de Smidte* - 3/89 troch Philippus Breuker.

¹⁰⁴Winkler, *Leeuwarder tongval*, 1867: 210.

Dagelijks verkrijgen Hollandsche woorden en uitspraak meer en meer het burgerrecht, en het is te voorzien dat over honderd jaren 't Leeuwarder dialect geheel zal zijn vervallen. Wanneer men twintig jaren achteruit denkt, kan men reeds zeer veel verandering bespeuren; ja, zelfs in vijf of tien jaren is de spraak der Leeuwarder burgers uit den deftigen middelstand zeer veranderd; (...).¹⁰⁵

Winkler joech sels de foarkar oan de beneaming “Leeuwarder dialect”. Ofwikingen fan it algemiene Nederlânsk waarden sa't it skynt troch gâns Ljouwerters as ûnbeskaafd oanfield. De tolerânsje foar Leewarder eleminten yn it Nederlânsk liket dus sûnt de earste helte fan de njoggentjinde ieu opfallend ôfnommen te wêzen. Dat hie ek syn wjerslach op it Leewarders praten op himsels; guon minsken besochten it stedsdialekt folslein oer te jaan. Ek al liket it sosjale tij no keard te wêzen, de wurdearring bij Winkler wie der net minder op wurden: “ongekunsteld en zoetvloeiend” wie it dialect yn syn earen en dat sjocht er ek as de reden wêrom't de heechste groepen it net oerjoegen.¹⁰⁶ De sketste Ljouwerter taalsitewaasje slút oan bij de earder neamde Nederlânske sitewaasje mei de algemiene sprektaal fan de beskaafde stân as de sosjaal heechste fariëteit yn it Westen en in regionale beskaafde taal mei net tefolle provinsjalismen yn de oare provinsjes. It suvere dialect is strjittetaal (sj. 1.2.2.3).

Oer it taalgebrûk yn Fryslân fan de sechtiger en santiger jierren yn de foarige ieu beskreau freule Van Andringa de Kempenaer út Ljouwert it taalgebrûk fan de Hollânske adel as in “Hooghaarlemmerdijksche uitspraak dat in Friesland nooit gehoord werd”. It Leewarders neamde sij fierders “het echte Leeuwarder patois” dat se dúdlik ôfskate fan “de echte Fryske tael”.¹⁰⁷ Inselde soarte fan ûnderskied waard yn in ynstjoerd stik fan 1873 oer rept; dêryn gong it om in suvere, net-dialektyske útspraak fan it Nederlânsk; “het Friesche stedelijk dialect” - dat walgljik is en útroege wurde moat - is oars as “de Friesche taal” - dat in op himselssteande taal is dy't net ferdwynt.¹⁰⁸

¹⁰⁵Ibidem 211-212, sjoch idem, *Dialecticon*, 1874: 464.

¹⁰⁶Ferlykje Winkler oer de posysje fan it Mestreechs: “(...) het maastrichtsche wordt door alle echte Maastrichtenaren, zoowel door voornamen als door geringen, in het dagelijkschen leven onder elkander gesproken. Deze omstandigheid die hoewel misschien in enigszins geringere mate, onder anderen ook te Leeuwarden plaats heeft, is zonder twijfel de hoofdoorzaak waarom de echte maastrichtsche tongval zoo zuiver is gebleven.” (ibidem 271.)

¹⁰⁷Yme Kuiper levere mij de oanhelle sitaten út de *Herinneringen van Jkvr. Adriana Wilhelmina van Andringa de Kempenaer* (persoanlike oantekeningen (manuskript), Ryksargyf Fryslân, famylje-argyf Van Andringa de Kempenaer ynventarisnummer 650).

¹⁰⁸Oebele Vries fûn dit ynstjoerde stik fan in J.H. yn de *Friesche Courant* fan 25 desimber 1873. It wie in reäksje op in ynstjoerd stik yn deselde krante fan 15 desimber 1873 fan J.W. [= Johan Winkler] dy't him ôfsette tsjin de Hollânske útspraak fan it Nederlânsk. J.W. hat op 1 jannewaris 1874 wer op J.H. reägearre.

Burger sei dat it “Luwardens” de taal fan alle maatskiplike stannen is, “ook nog in mijn jeugd” (1864-'82). Fuort lit er der oars op folgie dat yn syn studintetiid (1882-'90) yn de Grutte Soasjeteit bij de Lange Piip meast Nederlânsk en allinnich troch âlde Ljouwerters Leewarders praten waard.¹⁰⁹

Yn de stêd hie de delgeande tendins fan it Leewarders him yn de twadde helte fan de njoggentjinde ieu iepenbiere, mei't it dúdliker konfrontearre waard mei it algemiene Nederlânsk dat ek normativer waard foar de (beskaafde) sprektaal. Boppedat ûntstienen der yn dy tiid typyske arbeidersbuerten as de Weerklank en de Aldegalijen. Ek al besteane der oansetten ta it sosjolektisearjen fan it Leewarders, dochs wol ik noch net fan in spesifyk sosjolekt prate, om't it Leewarder taalgebrûk dan noch net inkeld ta in legere groep beheind is. Yn de geögrafyske diminsje kaam dat ek ta utering. Yn de enkête fan it Aardrijkskundich Genootschap út 1879 skreau Winkler nei oanlieding fan de er-foarm foar it enklitysk brûkte ‘hij’ dit: “Wat doet-i daar. In de voorsteden (û.o. de Weerklank, RJJ), waar de tongval meer naar de friesche taal overhelt: wat doet er daar?”¹¹⁰ Dat hâldt yn dat yn de binnenstêd minder Frysk kleure, mar dochs wol Stedsk praten waard. De oantsjutting *tongval* stiet bij Winkler noch foar it hiele kontinuüm.

Op it plattelân gong it net sa bot om de tsjinstelling tusken Nederlânsk en Leewarders, mar mear om de tsjinstelling tusken Boersk en Stedsk. De beneaming “stêds” dat op skoalle leard wurde moat wurdt troch de anonime auteur fan *De Boere Schriewer oer it nys fin de dey* út 1821 brûkt yn tsjinstelling mei it “boersch”. It wiist yn de rjuchting dat fan it plattelân út besjoen alle net-Frysk taalgebrûk, dus ek it Nederlânsk, mei Stedsk beneamd wurde kin. Hof stelt fêst dat oant yn de twadde helte fan de foarige ieu dat Stedsk bij “de minder ontwikkelde plattelandsfriezen nog voor een min of meer deftig idioom” trochgong. De hegerein op it plattelân joech it leech oanskreaune Frysk oer en naam “een stedelijk getint mengelmoes” dêrfoar yn it plak.¹¹¹ Hof lit mei syn leechlizzende omskriuwing fan “mengelmoes” trochskimerje dat it in net slagge oerstappen op it Nederlânsk foarstelle moast. It Stedsk koe dêrmei útgroeie ta in tuskenbeide beneaming dêr't foar in plattelânsgroep begrypsmjittich ek Nederlânsk mei bedoeld wurde koe, mar dat guon stedsjers wer as Leewarders seagen.

Hof konstatareart binnen it Stedsk in taalkundich kontinuüm mei it Nederlânsk: “Van dominee, dokter en burgemeester werd b.v. gewoonlijk een meer Nederlandsch getinte taal vernomen (...).”¹¹² It rjuchte wêzen op it Nederlânsk

¹⁰⁹Burger, *Ontstaan stadsfriesse dialekten*, 1944b: 4 oer de negative konnotaasje fan it Leewarders yn syn jonge jierren: “Luwardens was de taal van mijn schooljaren. Maar ik zou het in die tijd niet hebben gewaagd tegen mijn (Hollandse!) huisgenoten zoiets te zeggen als: “k sel fan awen mar bij jimme tuusblive, hee.” Evenmin zou het bij mij zijn opgekomen tegen mijn schoolmakers “Hollands” te gaan praten. Elk der beide talen behoorde bij een bepaalde groep van personen: vriendentaal en huistaal.” Sjoch ek idem, *Avondrood*, 1944a: 1.

¹¹⁰Winkler, AG-enkête, 1879 yn Gerritsen, *Taalverandering*, 1979: 15.

¹¹¹Hof, *Dialectgeographie*, 1933: 7.

¹¹²Ibidem 8.

kaam ek ta utering yn de graad fan Stedske kleuring fan it Nederlânsk; wat heger op de sosjale ljetder, wat minder Leewarders at it Nederlânsk kleure wie. Der koe praten wurde fan in beskaafder en in platter Leewarders en dat strykt mei de idee dat it Leewarders oan de ein fan de njoggentjinde ieu gjin spesifyk sosjolekt wie.